

Wjerklank

Jiergong 9

Nûmer 18 (2015)

Tydskrift fan
it Obe Postma
Selskip

Obe Postma en Oepke Noordmans oer
it Fryske lân en it Fryske libben

IT SIL BESTEAN

DE SCHOONE SCHIJN

Boekpresintaasje

Kolofon

Obe Postma Selskip

Wjerklank is it tydskrift, dat it Obe Postma Selskip twa kear jiers útjout foar syn leden. De redaksje is yn hannen fan Geke Sjoerdsma, Geart van der Meer en Jan Gulmans.

De lêste is ek redaksjesekretaris (E-mail: jan@gulmans.com). Mei Wjerklank jout it Obe Postma Selskip ynformaasje oer de fuortgong fan aktiviteiten, projekten en publikaasjes, mar ek oare nijsjes oer it wjerfarren fan it Obe Postma Selskip krije der in plak yn. Wjerklank jout graach romte foar gruttere of lytsere stikken oer it wurk en it libben fan Postma. Fierders jout Wjerklank omtinken oan beskriuwingen fan ûndersyksaktiviteiten, fuortgongsferslaggen, útstellen fan (nij) ûndersyk op it mêd fan filosofy, poëtika, skiednis, natuerwittenskip, foarsafier relevant foar de Postmastúdzje.

Abbonemint Wjerklank

Njonken Wjerklank hat it OPS yn webstee: obepostma.nl. Leden fan it Selskip krije Wjerklank fergees tastjoerd. Sy, mar ek oare ynteressearre lêzers wurde útnoege om, as sy in artikel bydrage wolle oan Wjerklank, kontakt op te nimmen mei de sekretaris. Adres: Obe Postma Selskip: p/a Wagnerlaan 7, Enschede. Tel.: 053-4345511; E-mail: jan@gulmans.com. It lidmaatskipsjild (min. € 17,50) moat oermakke wurde op NL74ABNA0437443620 fan it Obe Postma Selskip te Ljouwert.

Obe Postma Stichting

Donaasjes binne mear as wolkom. It selskip hat de offisjele ANBI-status. Dat bestjút dat abbonemintsjild en skinkings ôflutsen wurde kinne wurde fan de belesting. Untwerp foarblêd: Rob Lucas
Untwerp en opmaak: Frits Sieperda

Ynhâld:

Kolofon 2

Fan 'e bestjoerstafel 2

Obe Postma en Oepke Noordmans oer it Fryske lân en it Fryske libben 3

IT SIL BESTEAN 11

DE SCHOONE SCHIJN 18

Boekpresintaasje 19

Fan de bestjoerstafel

Lykas bekend bestiet it Obe Postma Selskip takomme jier 10 jier. Yn dy tiid binne yn it ramt fan de saneamde Obe Postma Rige al alve boeken ferskynd. Op freed 2 oktober is dêr wer in publikaasje oan tafoege, en wol it boek *It deistich bestean* by âlds, útjûn troch Philippus Breuker. It is it twadde en tagelyk lêste diel mei samle stúdzjes op histoarysk gebiet fan Obe Postma. It OPS-bestjoer is de nedige problemen tsjinkaam om it foar dizze útjefte nedige jild byinoar te swyljen. Yn de lêste faze kaam der aldergeloks in subsydzje fan de provinsje Fryslân. Dat wie noch net earder bard. Op fersyk fan Philippus Breuker is it earste eksimplaar fan it boppeneamde boek oanbean oan Jehannes van Dijk út Ferwert. Hy is ien fan dy withoefolle lokaal-histoarisi, dy't yn Fryslân de skiednis fan eigen doarp of streek beskriuwe. De trije lêzingen, dy't yn de feestlike gearkomste yn it Lânboumuseum te Earnewâld hâlden binne, stienen yn it teken fan de lokale skiednis. It bestjoer sjocht, lykas de krapoan 40 ynteressearre minsken, dy't de midde besochten, werom op in yn alle opsichten slagge midde.

It bestjoer hat yn syn gearkomsten fan maaie en septimber gear west oer twa nije saneamde projektplannen. It giet om twa boeken oer Obe Postma. Philippus Breuker hat in opset makke foar in boek, dat as titel kriget *Obe Postma, dichter en skriuwer fan it Fryske lân*, wylst Tineke Steenmeijer-Wielenga en Geart van der Meer in boek tariede oer it libben en de dichtkeunst fan Postma. De sybsydzje-oanfragen, ek nei de provinsje Fryslân, geane op koarte termyn de doar út.

Lykas jim wol witte, is Ljouwert yn 2018 de Kulturele Haadstêd fan Europa. Ut namme fan it bestjoer hat de foarsitter George Huitema oerlis hawn mei de direkteur fan Tresoar oangeande in mooglike rol fan it OPS yn de festiviteiten fan 2018. Dêr is útkaam, dat it Obe Postma Selskip, yn 'e mande mei Tresoar, op twa fronten aktyf wêze wol. Yn it foarste plak is der it plan om, yn it ramt fan it tema 'mienskip', in poëzijmanifestaasje ta te rieden mei jonge, ek ynternasjonale, dichters. Yn it twadde plak is der it doel om, min of mear nei it foarbyld fan it bekende boekje *What the poet must know*, in trijetalige útjefte ta te rieden mei in seleksje fan gedichten fan Obe Postma. Dizze hjerst, sa is it plan, wurdt der in wurkgroep ynsteld, dy't de kommende twa jier de twa neamde aktiviteiten oanpakke moat.

Jan Gulmans, skriuwer


It Bestjoer fan it Obe Postma Selskip bestiet út: George Huitema (foarsitter), Jan Gulmans (skriuwer/redaksjelid Wjerklank), Jan Guichelaar (ponghâlder), Geke Sjoerdsma (redaksjelid Wjerklank), Geart van der Meer (redaksjelid Wjerklank), Doekle Elgersma.
Adres fan de skriuwer / redaksjeadres: Jan Gulmans, Wagnerlaan 7, 7522KH, Enschede, tel. 053-4345511. Email: jan@gulmans.com.

Obe Postma en Oepke Noordmans oer it Fryske lân en it Fryske libben *in teologyske ferliking*

dr. J.D.Th. Wassenaar

Ynliding

Obe Postma wie 'dichter fan it Fryske lân', sa't hy op syn sarkstien neamd wurdt. Oepke Noordmans wie ien fan de grutste Nederlânske reformatoaryske teologen. Allebei de wiene hja boeresoannen fan it Fryske lân. Obe is berne yn 1868, Oepke yn 1871. Hja hawwe ek noch op deselde skoalle sitten – it gymnasium yn Snits. Obe fan 1881 oant 1886, Oepke fan 1889 oant 1891. Oepke siet earst noch in tal jierren op it earste kristlike gymnasium yn Nederlân, yn Zetten. Dy skoalle wie in inisjatyf van ds. F.P.L.C. van Lingen. Yn 'e rin fan 'e jierren die bliken dat dy man in soad sympaty foar de doleânsje, de beweging fan Abraham Kuiper, hie. Dat noaske de heit fan Oepke hieltid minder. Ein 1888 helle er syn soan fan it gymnasium yn Zetten, nei de krystfakânsje stjoerde hy him nei it gymna-



Oepke Noordmans

sium yn Snits. In foech jier earder hie er him al skreaun: 'Ik heb u niet naar Zetten gestuurd om te doleren maar om te leren.' Sa wurdt wol dúdlik: Oepke kaam út in húshâlding fan it ortodoks-herfoarme soarte. By Obe lei dat wat oars. Neffens Philippus Breuker groeide dy op yn in sfear fan etyske ortodoksje en liberalisme. Hy leaude grif al om 1900 hinne net mear sa't syn âlden dienen. Breuker lit yn dit ramt witte dat doe't Postma yn 1934 yn it befolkingregister te Ljouwert ynskreaun waard, der by tsjerkegenoatskip 'geen' ynfolle is. Hy heakket der wol wat oan ta: '(...) miskien moat men dochs sizze, dat Postma allinnich mar net mear tsjerklik leaude, as men lêst dat er yn 1951 yn in gedicht by de dea fan Shaw ('Shaw lies ik') oer 'it fertrouwen yn it goede en syn ein-oerwinning' skriuwt hoe't dat fertrouwen alle minsken eigen is en derby seit dat ús âlden dat net sûnder har tsjerklik leauwe hân hawwe. Leauwe is minsklik, tsjerklik leauwe is oan tiid bûn, liket er dêrmei te sizzen.'

Yn dizze bydrage wol ik de fraach ûnder eagen sjen hoe't it ferskil yn libbensskôging trochwurket yn de fyzje fan de beide mannen op it Fryske lân en it Fryske libben. Wat Postma oanbelanget behein ik my ta de gedichten yn de earste edysje fan *Fryske lân en Fryske libben*, wat Noordmans oanbelanget is de lêzing 'Lân en Libben' myn útgongspunt. Se binne fan itselde jier, 1918! Al earder is in ferliking tusken Postma en Noordmans makke, yn it yn 2012 publisearre artikel 'Rickert in Nederland' oer 'sporen van neokantiaanse geschiedfilosofie' fan de hân fan Herman Paul. Dêr moat wol by sein wurde dat it yn dy ferhanneling net om Postma as dichter, mar om de man as natuerwittenskipper giet. It liket der oars net op dat Postma en Noordmans ea kontakt mei elkoar hân hawwe. Yn de *Verzamelde Werken* fan Noordmans komt de namme Postma net foar.

Foarôf noch: by it yn kaart bringen fan it ferskil yn libbensskôging tusken Postma en Noordmans sa't dat yn de fyzje op it Fryske lân en it Fryske libben ta utering komt, besjoch ik it betide dichtwurk fan Postma fan de leauwige, tsjerklike, teologyske kant, net fan de poëtyske, literêre, filosofyske. Dy lêste is al hiel faak op it aljemint brocht. De oare hat oant no ta amper omtinken krige. Noch in opmerking: yn myn besprek behelje ik wat guon oare kritisy oer it dichtwurk fan Postma skreaun hawwe. De measten basearje har dêrfoar op syn folsleine poëtyske oevre, dus net allinnich op de earste bondel *Fryske lân en Fryske libben*.

Noordmans oer it Frysk en de Fryske beweging

Noordmans wie gâns minder Fryksinnich as Postma. Hy hat ek mar in bytsje Frysk skreaun. Yn 1918 skriuwt er oan syn kollega G.A. Wumkes: 'Ik haw jou wol ris skrieuwn daat ik net fan sok suver skaei bin. Fan myn jongens-jurren oan kun ik my net tinke dat ik rjochte aansluting hawn ha oan min lansljue. Indat is ek sa bleueyn. Miskien komt dat fin it Franske bloed dat ik fan memme kant yn 'e ieren haw. (...) Misschien komt it derfan dat ik mar sa'n bytsje in healbroer bin. Ik kin it Fryske libben a sa fulle mar in hiele bilk Fryske minsken binne my frjemd en ik bin hjai fremd.' Net oars skriuwt Noordmans yn 1952 oan syn kollega M.N.W. Smit: 'Bovendien ben ik nimmer een typische Fries geweest, uiterlijk noch innerlijk. Ik heb mij onder mijn volksgenoten steeds wat eenzaam gevoeld en heb nooit behoefte gevoeld mij echt onder hen te mengen. Eer had ik steeds de neiging tot gereserveerdheid, mede omdat de Friezen soms het bewaren van een behoorlijke afstand nalaten. (...) Dit alles staat bij mij waarschijnlijk ook in verband met het feit, dat ik van moeders zijde uit een refugie-familie ben.'

Ik kom noch efkes werom op de 'Frysktalige' brief fan Noordmans oan Wumkes. Oanlieding wie in Fryske preek fan Wumkes dy't Noordmans de jûn dêrfoar fan Wumkes heard hie, yn Burgum. Noordmans begjint syn pinnefrucht sa: 'Nou wol ik jou is efke de grize oer de grouwe jeije mei myn kreupele Fryske spelling. Ik hope dat jou likwals er ut wis werde kinne.' Yn de brief giet it Noordmans ûnder oare om 'de taal as foertuug foar 't geestlike'. Hy seit dêroer tsjin Wumkes: 'Ik moat eerlik sizze, dat jou derfan al 'n smeudig werktuug makke hawwe. Foaral doe't jou de wirkung fan de Geest beschriuwden in it luken fan it hert nei it iwege. Dan begjint de Fryske taal sawat te fluitjen in te gule lykens heege oargelpipen in as de win in scherpe winternachten. Dan begjint er ut te sjitten sa fin en sa scherp lyk as woe er him ontdwan fan syn eige licham. Dan gijt it him lyk as Gösta Berling doe't mei 't lizzen in 't wier, doe woe er mar ljeafst lizze in 'e koade snie heeg in 't noarden yn in bosk, tusken it iwege susjen fan de bjimmen. Ik siz net dat jou it Iwege sa forsteld hawwe. You hawwe it Evangelie brocht fan us Heit yn 'e himmel; mar ik fiel dat de taal dy kant uut wol; in mei de taal de herten in de sinnen fan de minsken.' Oan 'e ein, nei't er skreaun hat dat in hiele bult Fryske minsken him frjemd binne en hy har, skriuwt Noordmans: 'Dat nimt net wei dat ik de taalbeweging mei sympathie aanskogje. Min kin de herten better reitsje in de eigen taal, dat haw ik juster joen wol field. Die taal is moai. Wat sit er in gloet in dy taal. Wat smeudig! Wat fyn in 'e heegere parten, wat warm yn de middelste partijen, in wat foarsk yn 'e onderste accoorden.' Wumkes skreaun Noordmans werom: 'As ik jins brief tris oerlez, moet ik sizze: Hwet is dat tige Frysk. Lit aan 'e stavering sa een en oar mankeare, dat hindert net.' Wumkes heakke deroan ta: 'Jo moasten ek ris bisiikje it wurd to fieren yn 'e heitelanske sprake. It seil jo goed afgaen. Der sit in machtich stik ynwindige sinding yn.'

In pear moanne letter nûge Wumkes Noordmans út om op 31 july 1918 te sprekken op de Friezedei fan it Kristlik Frysk Selskip. Noordmans' reaksje: 'Ik aarzelde. Zou ik wel in 't Fries gaan spreken, waar ik buiten de beweging sta? Ik heb echter besloten aan te nemen, primo doe ik u gaarne een genoegen, secundo kan ik 't niet hebben dat gij u zoudt inspannen voor een zo nobel doel als het behoud van een rijke en zeldzaam innige taal en daarbij geen hulp zoudt krijgen. Tertio: kon ik 't niet van mij verkrijgen te weigeren een woord te spreken in de taal van m'n moeder. Nu kan het echter wel wezen dat gij van m'n woord op 31 juli zult moeten zeggen: hier is weer een Friese tolk nodig! Ik schrijf opzettelijk geen Fries, omdat ik niet graag foutieve spelling schrijf.'

Yn in eardere brief oan Noordmans hie Wumkes ek al oer de Fryske beweging op 'e tekst west. Dat wie yn 1916. Wumkes: 'De Friese beweging neemt steeds meer mij in beslag. Dat is iets voor de jongeren. Hebt ge de brochures van Kalma, *De Jong Fryske biweging, Fryslân en de Wrâld*, en zijn telegraafopstellen gelezen? Deze geschriften hebben vooral op de jonge calvinisten in ons Selskip een diepe indruk gemaakt en die gaan nu vooraan staan in de actie naast een vrijzinnig jong dichter als Kalma. Ik tracht de stroom te leiden en zoveel mogelijk ook dienstbaar te maken aan het Evangelie en schreef daartoe de brochure *Friezendom en Christendom*, die op de tweede Pinksterdag verschijnt bij A. Osinga te Sneek. Het is nr. 1 in de serie: *Tijfjen fen de Jong Fryske Mienskip*, een rij cultuurschriften in de trant van die der Hollandia-drukkerij. Ik zou zo gaarne zien dat ge ook daaraan medewerkt. Het volk wil zijn eigen taal lezen en grijpt naar die boekjes met gretige hand. De Friese taal in dienst van het Evangelie! En dan bereiken we honderden, die we anders niet bereiken. Kunt ge u op het 'suver skriuwen' niet wat toeleggen en in deze richting onze actie steunen? Ge beschikt over zo'n vaardige pen, hebt een uitnemende stijl en staat onafhankelijk tegenover allerlei verschijn-selen. Kan ik u hierin enigszins van dienst zijn, dan hebt ge maar te schrijven. Ik weet wel, het Fries-schrijven is niet gemakkelijk, maar het opent terreinen, die tot dusverre geheel zijn overgelaten aan Nutsmensen en Neutralisten. De orthodoxe klungel in alles zo achteraan. Daarom zie ik met vreugde, dat vele jongeren thans mee gaan staan in het eerste gelid. Vooral op onderwijsgebied moet nog veel veranderd. Dat het Fries geewerd wordt op de scholen is een tirannie, waaraan een einde moet komen. Ik was al eens van plan geweest om u 'op te eisen' voor het Fries. Thans heb ik de gelegenheid en moest dit eerst mij van 't hart.' Noordmans' reaksje: 'Ik moet zeggen, dat uw uiteenzetting van het doel der Friese beweging mij wel getroffen heeft. Wanneer deze taalbeweging tevens geestesbeweging ging worden in ruimere zin dan zou daarin misschien plaats zijn voor personen, die aan de taalbeweging niet meedoen, niet omdat ze er niet mee zouden sympathiseren, maar omdat ze hun belangstelling elders hebben geconcentreerd. Ik verkeer enigszins in dat geval.

Mij hebben b.v. de mensen van het Friese Réveil meer uit algemeen menselijk oogpunt belang ingeboezemd, dan dat ik het Friese daarin bijzonder heb opgemerkt. Als student heb ik, korte tijd, een bevestiging voor het Fries gehad en heb toen de Halbertsma's en Gysbertom leren bewonderen en liefhebben. Later heeft zich die vleug weer gelegd. En zo is thans voor mij de Friese taalbeweging een verschijnsel dat ik niet zonder sympathie begroet, maar waarin ik mij niet meer zou kunnen begeven. Was er echter in Friesland iets te beginnen geschikt om meer in 't algemeen invloed te oefenen op de geestelijke ontwikkeling, kerkelijk, godsdienstig en zedelijk, dan is elke aansluiting mij gewenst en ik zoek die. (...) Ik geloof met u dat de taalbeweging een machtig voertuig kan zijn voor nieuwe en oude geest. Gij ziet daarin waarschijnlijk het eigenlijke en rechte middel om de Friese geest wakker te maken en het karakteristieke Friese geestelijk leven op te roepen. Het is zeer goed mogelijk en gij hebt het in de brochure bijzonder goed aangewezen. Mijn geestelijk leven is niet typisch 'Fries' genoeg om daaraan mee te doen. (...) Ieder is zoals God hem geschapen heeft en zo zult ge het hoop ik kunnen billijken dat ik, gaarne bereid tot aansluiting in algemene zin, voor de taalbeweging niet meer kan doen dan sympathiebetuigingen.'

Noordmans' lêzing 'Lân en Libben'

No moat de lêzing 'Lân en Libben' op it aljemint komme. De ynlieding dêrfan strykt aardich mei wat Noordmans yn syn reaksje op de útning fan Wumkes om op de Friezedei te sprekken, skreaun hie: 'Do't Dr. Wumkes my frege om hjir hjoed ek hwet to sizzen, haw ik my earst tige bitocht. It Frysk haw ik langer spritsen as it Hollânsk, dat is wier, mar ik ha der nooit stúdzje fen makke lyk as de foarmannen fen 'e Fryske taalbewijing. Lykwols haw ik gjin frijmoedigens foun om to wegerjen. Foar earst mei ik it net hawwe det oaren hjar libben en krêften jaen scoene for de tael, dy't my it neist is, en dy't ien fen de rykste talen fen de wrâld is, en det dy ljue gjin meiwirking, mar allinne tsjinkear fine scoene. En dan, en dat docht de doar ticht, ik koe it net oer my krijje om to wegerjen yn de tael dy't ús mem my leard hat, it wurd to fieren yn 't iepenbier. It scoe wêze as hie myn mem my forkearde wurd leard, en dat woe ik sa net hawwe. – Dêrom haw ik it oannomd.'

Nei de ynlieding seit Noordmans dat de Fryske taalbeweging tagelyk in geastesbeweging is. Neffens him kin dat net oars. 'De tael is for de geest, hwet de loft is for in ljip, dat moaije beest, dat yn 'e maityd it fjild sa libben makket.' Bjusterbaarlik byldryk tekenet de sprekker dan it hâlden en dragen fan de ljip yn 'e loft. Dan nochris: 'Lyk as sa'n ljip is de geest, dy't in tael ta syn elemint hat.' Noordmans heakket deroan ta: 'Dan komt der út hwet er yn sit.' Neffens de sprekker is in folk dat syn taal net brûke kin, as in ljip op 'e grûn. 'De geest kin hem net ûntjaen. De wjûkken net útslaen.'

De folgjende stap yn it betooch fan Noordmans is: sa't de geast in taal nedich hat, sa freget it libben om in lân. It

libben kin him net ûntjaan as it gjin grûn ûnder de fuotten hat. Mei oare wurden: as de taal de loft is, dan is it lân de grûn foar it libben. De sprekker seit der dan wol by dat it libben net oan it lân fêstsit. It kin him derfan losmeitsje en troch de wrâld rinne. Hy neamt earst de foarbylden fan de âlde Grykske en Romeinske beskaving, dêrnei dy fan wittenskip, keunst en godstjinst. Mar: '(...) sels de Kristlike godstjinst hat in lân nedich hawn om hjar ûntjaen to kinnen.'

Mei 'lân' bedoelt Noordmans oars mear as allinnich 'de grêzen yn de groun', 'de seadden yn it sân' en 'de greide en de heide'. It giet om al datjinge dêr't dichters en skriuwers klank oan jouwe. De Halbertsma's hawwe dat foar Fryslân dien – letter neamt de sprekker ek 'master Gysbert' noch; in hiele kloft Flaamske skriuwers, Guido Gezelle foarop, foar it Flaamske lân. Noordmans seit dêroer: 'Alles is fen hjar gading: in sweltsje, in maertelblom; in abie-skriuwerke op it wetter, ef it reid oan 'e wettersigge, hja witte krekt to sizzen hwet dy yn ús libben oanbringe.' Hy tinkt dan bygelyks oan 'de stannen yn 'e Maimoanne, as de wyn der troch hinne rûzet en de lange grêzen hjar bûge lyk as hâldde in kening syn yntocht'. Yn dat ramt fertelt de sprekker wat er as jonkje belibbe hat: 'Ik haw in boike kend fen seis jier, dy't dat sa graech sjen en hearre mocht, det al moast er by de bargaen lâns, dêr't er deadsbinaud for wier, hy der dochs hinne woe. Dan moast syn âldere suster him de skelk oer de holle dwaen, dan seach er de bargaen net. En sa kaem er dan yn it biloofde lân. Ik tink det er sahwet fielde as kening David, do't dy de wyn rûzen hearde troch de moerbeibeammen ef as de âlde Griken, dy't de wyn troch de âlde beammen to Dodona hearden. Dan wier d'r mear as wyn en beammen en sa wier der for dat boike mear as geur en simmertwjirre.'

Noordmans ropt dan in kwestje op: 'Mar fij! roppe jimme, dominy, jou wurd materialist, jou litte it libben opwaechsje út de groun lyk as it gêrs. Komt dat nou to pas yn in Kristlik Selskip?' De sprekker anderet dat er wat fierder fan de grûn komme wol. By it lân tinkt er oan mear as allinnich wat de natuer om ús hinne spûkje lit. It giet dan ek om it folkslibben, yn teltsjes, spultsjes, mearkes, sprekwurden, 'dy't sa spoekje om ús wîdze en mei ús boartsje yn 'e bernejieren', 'dat âlde gûd', 'meastal út de skimer fen âlde tiden'. En by eintsjebeslút neamt er de skiednis, 'as wy manljue en frouljue wurd binne'. Nef-fens him kin alles wat er opsomme hat, net fan in oar liend wurde. As it folkslibben it kwyttrekket, is it in spultsje fan: 'It stapt op stelten as in houten Klaes, as in skrie; it kin de wjûkken net útslaen.' It folk hat hjirfoar syn eigen taal nedich. Noordmans seit dan: 'Dêrom kin ik my formeitsje as ik sa nou en dan ris lêz, hwet der tsjinwurdich yn it Frysk skreaun ef spritsen wurd. For mysels seil ik der wol net safolle mear oan meidwaen. Men kin net alle gearre itselde dwaen. Mar ik seil de biweging mei belangstelling folgeje, en haw ik gelegenheit, lyk as hjoed, har stypje.'

Noordmans wol noch in pear kwestjes yn it fermidden fan syn taharkers oan 'e oarder stelle. Nei syn betinken

is de grutte fraach fan de beweging: 'ho scil de halding wêze, dy't wy oannimme scille tsjinoer it Hollânsk?' Hy neamt dan it frjemde wurd 'autochtoon'. Dat betsjut: 'alles moat op syn eigen gron wêze, lyk de útiemske is út 'n Boaze.' De sprekker weeft dêr gau mei ôf. Hy seit: 'Wy moatte gjin ynboarlingen wêze, mar bern fen ús Heit yn 'e Himel. De oaren binne ús gjin frjenden mar frjeonen, broerren. Us Heit yn 'e Himel hat ús net yn in flesse stoppe om út te gêsjen op ús eigen gronsop, mar it is ien sopp, ien bloed dêr't wy allegearre út binne.' Noordmans komt dan mei aktuele tapassing: 'Wy bilibje just in tiid, det it nasjonalisme op 'e ysaerlikste wize útgêstet; it edele bloed rint forgearre wei en de tael wirdt brûkt om in oar to biligen, to bikladzjen en út to flokken. Ien yn Kristus moat it ek hjir wêze.'

It frjemde útsuverje, dy kant wol Noordmans net út. Hy begrypt wol dat elk folk syn eigen taal bewarje wol, omreden dat it him dêryn rêde kin. In kwestje is ek noch dat 'de beskaving dy't wy oerkrige hawwe' har yn mannich opsicht oerlibbe hat. Dy is sa uterlik wurden. De sprekker siteart Heine: 'Moai prate, sêfte menearen, wite mansjetten, mar och as se mar herten hiene.' Neffens Noordmans wol de geast him yn syn dagen wer ûntjaan, mar hy is fan miening dat dy net sûnder in eigen taal kin. 'Hy hat in tael nedich om him to ûntjaan. Wol er him uterje, dan heart elts yn syn eigen tael to sprekken lyk as op 'e Pinksterdei.'

Noordmans ropt dan – mei it each op de kwestje 'hwet in folken, hwet in taeltjes' – de fraach op hoe fier dat gean moat. Of bygelyks Grinslân ek in eigen taal hawwe moat, 'ef dat it mar better is det dat praten fordwynt?' Hy wit it net, mar foar it Frysk wit er it wol: 'Dat is in tael dy't in takomst hawwe kin.' Hy haakket deroan ta: 'En as der nou ek mar de Geast yn komt, dan scil 't oan 'e tael net mankearje.' Hy freget dan wat geast dat it wêze sil. Syn andert, en dêr einiget er syn lêzing mei: 'Sisters, broerren, wy wolle de dingen faek meitsje. Sa woe ik it ek wol dwaan, mar det jowt neat. Lit ús mar faek de Heit fen alle Geesten freegje, fen alle flêsk det Er syn goede en hillige geest útstjirje wol om yn dit âlde lân en ûnder dit âlde folk nij libben opweitsje to litten, ta Syn eare en ta in seine foar de wrâld!'

Jierren letter kaam Noordmans noch twa kear op syn bydrage oan de Friezedei werom. Hy die dat yn it foarste plak yn in brief oan syn kollega K.H. Miskotte, yn 1949. Dêryn wiisde er ek op syn korrespondinsje mei Wumkes. Oanlieding wie dat Miskotte him frege hie om wat te sizzen oer de Fryske taal- en folksbeweging. Noordmans skriuwt dan: '(...) ik ben tot de conclusie gekomen, dat ik beter doe om mij buiten die kwesties te houden. Een halve eeuw lang en nog langer heb ik die beweging praktisch langs mij heen laten gaan.' Yn deselde brief seit Noordmans oer de Fryske taal: 'Ik zou het betreuren, als het

Fries een dode taal zou moeten worden. Er liggen prachtige accenten in die taal.' Hy ferfolget: 'Maar eveneens zou ik het meer dan jammer vinden, als deze kleine volksgeschiedenis afgesnoerd zou raken van een bredere kerkelijke en culturele katholiciteit.' De twadde kear dat Noordmans op de Friezedei weromkaam, wie yn de niisneamde brief oan Smit: 'Aan de Friese beweging heb ik weinig deelgenomen. (...) heb ik in 1918 een keer op ene 'Friezedei' in de Grote Kerk te Sneek gesproken. Dat is alles. De latiniteit, het algemene, heeft te zeer beslag op mij gelegd om veel ruimte te laten voor de cultuur van het allereerste. (...) Het Friese leven interesseert mij echter – hoe kan het anders – toch ook weer in hoge mate; ook de natuur van dat land. (...) Overigens kan de cultuur van het eigene ook een demonische werking uitoefenen. Folklore en heidenom raken elkaar gemakkelijk, zoals wij aan Duitsland gezien hebben. De latiniteit, die in Friesland een stevige pied à terre heeft gehad, blijft daarom voor West-Europa van hoge betekenis.' Miskotte hie grut gelyk doe't er Noordmans 'ein friesischer und universaler' neamde...

Yn de al twa kear earder neamde brief oan Smit skriuwt Noordmans ek noch oer de betsjutting fan de Fryske beweging foar de takomst: 'Er zit in Friesland, onder het dogmatisch confessionalisme, een enthousiaste geestesbeweging. Ik acht het niet onmogelijk dat de taalbeweging in die diepere lagen beroering zal brengen, en dat van onder de stereotype, wat oppervlakkige kerkelijkheid van vele Friese gemeenten een meer oorspronkelijke, meer spontane en diepere doorbraak van het eigen geestesleven op gang kan worden gebracht. Voorlopig lijkt het daar nog niet op. Maar de eigen bijbelvertaling van Wumkes en de psalmen van Fedde Schurer kunnen op den duur daartoe meewerken.'

Postma oer it Fryske lân en it Fryske libben en oer it tsjerklik libben

Postma wie in dichter fan it Fryske lân en it Fryske libben. Om oan te sluten by de ûnderskieding fan Noordmans: yn *Fryske lân en Fryske libben* giet it mear oer de natuer as oer it folkslibben en de skiednis. Fierwie de measte gedichten komt de natuer yn foar. Mear as ien kear jout de dichter in ferbân oan tusken de natuer en Fryslân, bygelyks yn 'De wyn fan Fryslân'. Wat it folkslibben oanbelanget: út it gedicht 'De 'Rimen en Teltsjes' fan de Bruorren Halbertsma' docht wol bliken dat Postma 'dokterom en domeny', sa't Noordmans se neamt, as foarbylden sjocht. Neffens Breuker hat Eeltsje syn ynfloed fan it begjin ôf oan grut west. 'De spoaren fan syn poëzy binne fuort al te finen yn iere fersen as 'Ik tink oan dy, myn Fryslân leaf'; 'De frou stiet op it boerehiem'; 't Wie foarjier, de parrebeam bloeide sa swiid' en 'O boartersplak yn blide bernedagen.' Yn dit ramt kin ek op it gedicht 'Op 'In útfinhûzer by de bakker' oer de betsjutting fan

Waling Dykstra foar it folk wiisd wurde. En op it gedicht 'Te Wûns' oer (J.C.P.) Salverda, 'in master fan ús taal as hast gjin ien', dy't as doe hie 'om fan 'e Wûnzer bern / Te meitsjen fromme Friezen, ta Gods ear.' Wat de skiednis oanbelanget: op dat mêd sil Postma him yn syn lettere jierren noch royaal ûntjaan. Men kin wol sizze: hy sil útgroeie ta in histoarikus fan kwizekwânsje. Mar ek út syn earste gedichten wurdt al dúdlik dat it ferline him gauris yn 'e besnijding hie. In moai foarbyld is 'Fan âlde tiden', dêr't Hear Oene, de pastoar dy't foar it sieleheil soarge, Tjaerd Upkes (en Upke fan Tjaerd en Tjaerd fan Upke) en Claes Oeges yn figurearje. Breuker lit witte dat Postma dy nammen út it 'Register fan de Oanbring', dêr't er stúdzje fan makke hie, koe. In oar foarbyld is 'De Skraarder toer'. Yn dat gedicht rize bylden op 'út faar-en-foarfaars rouwe tiid'. As lêste foarbyld neam ik noch in kear 'De wyn fan Fryslân', ek mei in tal ferwizings nei it ferline fan it heitelân.

Hoe stie Postma tsjin it tsjerklik libben oer? – Withoeffaak hat Postma it yn syn iere dichtwurk oer de snein, mar dy is net de dei fan de Hear of de dei fan de opstanning fan Jezus Kristus. It is in dei fan ljocht, in dei fan stilte en rêst, in dei fan dreamen. Yn 't Wie snein' ropt er fjouwer kear út: 't Wie snein, o hoe skynde de sinne!' Yn 'Myn bestean' hat er it oer syn sjongen foar freon en folk, 'fan ierde en 't hege ljocht; / En fan wat siele en sinnen lûkt / Haw 'k yn myn sangen brocht.' Dat barde fakentiids op snein, sa docht bliken út de folgjende strofe: 'En faken op in stille snein, / As d'ierd' sa rêstich leit, / En 't leaflik ljocht nimt alles op / Yn syn ûneindichheid.' Yn trije oare gedichten bringt er de snein yn ferbân mei dreamen. In strofe út 'Wintersnein': 'Wy stapten fluch oer it hurdrapen paad, / It hert sa licht en frij; / Al it deiske soargjen op 'e flecht / Foar nuvere dreamerij.' Yn 'De dream fan in lokkich libben' wie it dreamen op in snein. In sin út 'Snein': 'Dan stil te dreamen: 't each sjocht neat en alles, / En rûnom komme swiete tinnen wei!' De lêste strofe: 'Wiet wurde d'eagen, mar it hert is bliid! / O, stille snein, o dei fan dicht en dream! / O, gouden lok, te rêd ferrûn!'

Is de snein foar Postma ek noch de dei om nei tsjerke te gean? Yn 'Sinneskyn' foel him it sinneljocht sneins yn tsjerke op, 'wêr 't âld ferblikt gerdyn wat romte liet, / En brocht de fleur by wol wat swiere preek / Oan wa't, heel net der by, te mim 'rjen siet.' Yn 'Hjerst' begjint in strofe mei de rigels: 'As men sneins yn tsjerke de azem sa sjocht / En Oetske wer fjoer yn 'e stoven docht.' Yn 'It ferline' stiet Postma op it hege tsjerkhôf. Ut tsjerke wol er de frou fan de boer, 'waans biente / Hjirûnder is fergien', wol ris ta wurden ha. Hy wol dan mei har prate 'oer âld en nij'. Oer de boer hie er earder yn it gedicht sein: 'As ik stiesto op 't tsjerkhôf / En seachst de fjilden rûn. – Dan hiest it mei de buorlju / Oer wat de tiidgong joech; / As dom 'ny

kaam, yn tsjerke, / Dêr harkest en waardst slûch.' Oer de boer syn frou: 'Dyn wiif sit op 'e stuollen, / Rjochtop, as 't yn tsjerke heart; / Al moast hja twa kear tsjernje, / De preek ûntkomt har net.' Mar fierders liket it der net op dat nei tsjerke gean foar Postma wichtich wie. Yn 'De Skraarder toer' seit er oars al: 'De tsjerke 't plak, fan d'ierd' de himmel 't neist', mar de ynâld fan dy rigel liket gjin gearlike oantsjutting te wêzen. Ofsjoen fan it nei tsjerke gean, komt it tsjerklik libben yn it iere dichtwurk fan Postma net foar. Allinnich yn 'Hjerst' komt it sydlings te praot: as de bern út fraachlearen komme.

De snein wie foar Postma yn alle gefallen in dei dat men te kuierjen gie. Yn 'Augustussnein' seit er: 't Is sneintemidde; 't folk rint op 'e dyk, / En mannich, mannich snein giet wer myn each foarby, / Fan boartsjen, wyld of stil, mar jimmer bliid, / En 't fjild yn letter, rinnen flink en frij.' Yn 'De boerinne fan Surch' binne de bern op in sneintemidde fuort en kuierje oan 'e seedyk – de boer leit dan efkes op it ear de frou, 'yn sneinske swarte boerineklean / Mei in bûnte skeldoek foar', hat it ryk allinne. Yn 'Tusken it sneinsfolk' seit de dichter dat er him yn it sneinsfolk jout – 'har lûke ek sinne en ljocht'. It folk bedjert syn wille net: 'By in feest passe freonen woll' – Fan 'e griffomearden moast Postma oars net folle ha. Nei't de dichter it yn 'Op wei nei Allingawier' oer 'it echte Fryske doarp / Mei syn swiere stompe toer' hân hat, seit er: 'Mar fromme mannen fan Allingawier / Foldie 't yn har tsjerke net; / Hja ferlieten har heite hillich hûs / Foar in skuorke yn 'e greide set. – Dêr stiet no it keale flinterhûs, / En wêr't har pake sillich rêst, / Dêr is de wierheid net mear.' De (herfoarme) otterdoksy liket Postma ek net folle sympaty foar te hawwen. Yn 'Foar...' seit er alteast: 'Foar jongelju út rjochtsinnich hûs; / Leit oer har went net wat swier it skaad?' Hy haakket deroan ta: 'O waarden hja fan it âlde Frysk / Nei it ljocht fan 'e poëzije laal!'

De heechtiidsdagen fan de kristlike tradysje komme net yn har wiere betsjutting foar. It wurd 'Krysttiid' is hielendal net te finen. Wat Peaske oanbelanget: der is wol in gedicht mei dy titel, mar de ynâld dêrfan hat neat mei de opstanning fan Jezus Kristus te krijen. Yn it gedicht 'It ferline' seit Postma: 't Wie Peaske, en de finne / Blonk fan it earste grien; / op 't hôf in ink'le teister / Woechs om in grize stien.' Yn frijsinnige rûnte koe men dy sin doe-deistiids noch wol yn in preek hearre, mar dêr is alles ek mei sein. Dan Pinkster noch. Der is in gedicht 'Pinkstersnein'. Dêryn ropt Postma sels út: 'O hillige Pinkstersnein! Mar dan giet it net oer de hillige Geast dy't útstoart is, mar oer de blommewielde dêr't de dichter optein oer is. Hy einiget de pinnefrucht, nei de niisneamde útrop, mei de sin 'It heechste lok is op my saaid / En de himmel iepenlein.' Geart van der Meer hat dêroer skreaun: 'Nei it begjin mei syn beskriuwing fan de blommepracht op in pinkstersnein is dit wol in hiel ironysk ein. Je soene tinke,

dy blommeskientme is no krekt de iede en har moaiens. Mar nee: de wille fan de dichter giet fier út boppe iedske wille, in Uniedsk lok saait op him del, en dat allegjer yn wudden dy't fansels tige bibelsk oandogge. De grutte irony leit yn it feit dat bibelske wudden, of atleast wudden dy't sterk tinken dogge oan wat de bibel skriuwt oer pinksternlein, jir brûkt wudde om krekt it tsjornestelde fan it bibelsk boadskip te ferkundigjen. Foar Obe Postma is de 'himmel' de iede, de iede mei har blommen. En as der in himelsk lok ta him komt, dan is dat in iedsk lok. It is de geast fan de *iede* dy't jir op him delsaait. Sa einiget dit ûnskuldich lykjende gedichtsje ynienen folle minder ûnskuldich, en wij witte no al: foar disse dichter is de bibel it boek fan de natuer, de iede sels. As it *lok* al ris op jin delsaait, dan komt it fan de iede.' It gedicht 'Pinksterbesiik' hat ek neat mei Pinkster út te stean. En wannear't Postma it yn it gedicht 'Myn hûs' oer 'in sill'ge pinksterdei' hat, dan wol er dêrmei oanjaan dat him alles jûn wie 'yn ljocht en blommen en yn fûgelsang'. De betsjutting fan Pinkster as kristlike heechtiidsdei is dochs gâns oars.

Postma oer God en oer de kristlike libbensskôging

'God' komt ien kear yn it iere dichtwurk fan Postma foar. Yn 'It ljocht', it earste fan de 'Twa natuerwittenskiplike gedichten', seit er dat it ljocht it libben sels, de krêft dy't alles driuwt, is. Nei't er dat sein hat, ferfolget er: 'De heechste God komt neier; wat is grutter feest?' It komt derop del dat it ljocht foar Postma God is. En it liket derop dat er leauwige minsken de gek oanstekt, wannear't er sa einiget: 'Noch hinget foarfaars sjongen yn 'e loftten, / En laitsje moat de God as hy oan 't djoeien tinkt; / Dat wie in feest, as bern allinne 't fiere!'

Wit Postma ek fan de sûnde sa't de bibel en de kristlike tradysje it dêroer hawwe? It komt oan 'e oarder yn it twadde natuerwittenskiplike gedicht, 'It wurk', mear 'fan hearren en sizzen' as út eigen oertsjûging. In strofe begjint sa: 'Us wurdt fernijd dat ienkear minske sûnder wurk / Troch 't libben dreau; / Doe kamen sûnde en flok en 't bodzjen om 't bestean. / Sa like 't foarfaars ta, dy't as de bern / Noch leare moasten it wurk. / Mei boartsjen moast it oangean, 't deilang bodzjen wie te stoef; / En sa as bern fan 't eigenmakke moai / net skiede kinne, / Sa moast ek foarfaars keunststik mei yn 't grêf.' Yn de folgjende strofe lit de dichter witte dat er it wurk gjin flok neame wol.

Wat it kristlik libben oanbelanget, is net folle te finen. It wurd 'from' komt foar yn 'Fromme sang', mar in spesifyk kristlike konnotaasje hat it dêr net. It liket sokssawat as 'deugdsam', 'oprjocht' te betsjuten. Yn 'Novimberdream' leit dat wat oars, as de dichter it oer 'from yn tsjerke' hat. Itselde jildt foar 'from' in de al neamde gedichten 'Te Wûns' en 'Op wei nei Allingawier'.

Hoe sit it mei de takomstferwachting fan Postma? Yn 'Novimberdream', dêr't er 'ferlines bylden, sjammen' yn opropt, jout de dichter oan dat er ienris allinne noch as byld bliuwe sil en it hielal ta wente ha sil. Yn 'Myn liet' is

er dúdliker as yn it niisneamde gedicht yn de ôfwizing fan de kristlike takomstferwachting. Fjouwer strofen dêrfan: 'Ik sjong fan hege himmel net / En Gods grut-hearlik hûs; / My klonk net boppe stjerlik skaai / Dok hillich harpgerûs.', 'It is myn ierde, eigen grûn, / It is it goede ljocht, / De siele, dêr't ik part oan haw: / In bern, ta wêzen brocht.', 'Ik sjong fan dea en stjerren net, / It al-oermachtich ein; / My is fan fromme lok-yn-smert / De hege treast ûntsein.' en 'It is it libben, waarm en sterk / Sa as it riist en sinkt, / As mei de siken tilt it hert / En heechste leafde drinkt.' Wêr sjongt de dichter dan al oer? Hy seit yn de twadde strofe: 'It is mar eigen lok en leed / Dêr't ik fan reauntsje kin; / 't Giet de bewende paden lâns / Fan libbens âld berin.' Van der Meer dêroer: 'Troch dy dingen te pleatsen nêst al dy hege, himelske saken, berikt Postma it effekt dat wij nou krekt al dat gewoane lok en leed, dat gewoane libben, al lykje se mar ûnbetsjuttend, ynienen sjogge as eat gruts en hearliks. It is hjir as yn *Pinksternlein*, de iede is de himel, de himel is de iede.' It folgjende gedicht hjit 'Wider útsjoch'. Postma hat it dan net oer it útsjoch op it keninkryk fan God. Doe't hy de ierde en it hege ljocht en blide lânen yn 'e gouden dei song, 'ferriisde oan blanke kym gjin oare wrâld. / En wie 't de himmel net, dy't iepen lei?' Yn de folgjende, de foarlêste strofe hat er it oer 'dreadmepaden'. Hy einiget mei de strofe: 'Sa is dan wol fan ierde en himmellân, / Fan 't stoarne en fan libben 't selde liet; / It sjongt my sels en wa't er nêst my is, / En, mocht it wêze, 't folts dat my bestiet.' In útdrukking as 'it ivige lok' (yn 't Wie snein') hat nei myn betinken dan ek net in bibelske en kristlike konnotaasje. It bliuwt by Postma in kwestje fan, sa't er yn de lêste sin fan 'Ik tink oan dy wei' seit: 'Och minskewrâld komt en wurdt wer wei / As tearen fan in stream.'

Men kin net oars sizze as dat wêzentlike eleminten út de bibelske en kristlike tradysje yn it iere dichtwurk fan Postma net foarkomme. My tinkt dat hy op basis fan wat er yn dy perioade skreaun hat, heechút in religieus dichter neamd wurde kin. Mei de wurden fan J.T. Piebenga yn 1953: 'De ierde is hjir ta god makke. Postma syn dichtsjen is in knibbeljen sûnder bidden. Dêrom sit der efter dizze poëzij wolwits in machtige wrâldskôging, dy't mei wurden as natuermystyk, pantheïsme, monisme, oantsjút wurde kin. Striid fan flesk en geast, tobrutsenheit, sûnde, it boadskip út de fiere himel, hjir binne it frjemde en ûnbekende bigripen. Hjir, yn dizze machtige natuerhymne sûnder ein, wurde alle lok en leed ta 'lichte flakkerintzen yn it Albilbjen.' Mei de wurden fan Fokke Sierksma, dy't fynt dat Postma dochs gjin ateïst neamd wurde mei, omreden dat de dichter syn libbensskôging sa gearfette wurde kin: 'God is ommers yn dizze ierde, Hy is dizze ierde (...)'

My tinkt dat Noordmans it dichtwurk fan Postma wurdeardje soe. It Fryske lân en it Fryske libben wurde dêryn tekene sa't er it sels yn Easterein en yn Skearnegoutum, dêr't er syn jonge jierren trochbrocht, meimakke hat. Dan giet it om de troch him neamde trije aspekten fan de

natuer, it folkslibben en de skiednis. Dêr is noch net alles mei sein. Hy soe de dichter syn ynfalshoeke te beheid fine. Ik wiis noch in kear op syn útspraak oer de Friezen: 'Maar tevens zou ik het meer dan jammer vinden, als deze kleine volksstam afgesnoerd zou raken van een bredere kerkelijke en culturele katholiciteit.' Dêr liket it by Postma op. Yn 'Slotsang' seit de dichter dat it lân lyts is: 'myn eigen plakje grûn'. Yn de folgjende rigel hat er it oer 't bestean fan my en fan myn sibben'. It siet by Postma hiel djip. Breuker wiist op in foech gedicht yn hânskrift fan om-ende-by 1910 dat dêr dúdlik oer is: 'Fryske lân en fryske libben hjit it / Mar 't is him sels en jimmer wer him sels / En foar it romme lân en 't âlde folk / Jout hy syn lytse honk en eigen fielen! // 't Is wier, 't is wier! Ik bin it sels, myn fielen / Dat is myn eigen, kin it oars? En 't eigen honk / Dat 'k yn myn sangen sjuch, lyts en himpen.' Dêr lis ik dizze útspraak fan Noordmans njonken: 'Wy moatte gjin ynboarlingen wêze, mar bern fen ús Heit yn 'e Himel. De oaren binne ús gjin frjemden mar frjenden, broeren. Us Heit yn 'e Himel hat ús net yn in flesse stoppe om út te gêstjen op ús eigen grounsop, mar it is ien sop, ien bloed dêr't wy allegearre út binne.'

Syn ûnwennichheid fan Fryslân en dan yn it bysûnder fan it Fryslân fan syn jeugd is yn in soad gedichten fan Postma te finen. Breuker sprekt oer 'dichtsjen út gemis'. Hy heakket deroan ta dat it ek wol yn in memoriam en oantinkens ta utering komt. By Noordmans leit dat gâns oars. Hy brûkt benammen yn syn meditaasjes wol bylden út de perioade fan syn jeugd yn Fryslân, mar by him is it net in kwestje fan ûnwennichheid.

Noordmans en Postma hiene allebeide wat mei it Frysk. Ut guon brieven en út de lêzing fan Noordmans foar de Friezedei docht dat foar de earstneamde genôch bliken, foar de oar út syn iere dichtwurk as gehiel. It meast út 'It Frysk'. Noordmans soe it hielendal iens wêze mei de strofe: 'Mar 't moai, dat ek it folts, it bêste, sjocht, / Dat lit him treftich yn dy taal beskriuwe, / En fan 't bestean fan minsken, 't libben sels, / Sil mear as yn in keunsttaal 't wêzen bliuwe.' Noordmans soe it ek noch wol lykfine kinne mei wat Postma yn de folgjende strofe oer 'de wjerklank yn har hert' seit. It giet dan om it moaiste dat libbet yn de siel fan de Fryske dichter. Mar dat is Noordmans net genôch. It is him om 'de taal as foertuug foar 't geestlike', úteinlik om nij libben troch de hillige Geast, te dwaan. Yn dit ramt noch in opmeking fan Breuker oer Postma: 'Taal had voor hem niet meer dan afgeleide waarde: 'Meer dan de taal is het leven' was zijn credo.' Dat soe Noordmans ek sizze, mar hy soe by 'leven' in oar byld hawwe: 'nij libben troch de hillige Geast'.

Noordmans en Postma oer it Fryske lân en it Fryske libben

De posysje fan Noordmans komt skerper yn byld as wy dy ferlykje mei dy fan resinsinten fan *Fryske lân en Fryske libben*, twa fan har út de rûnte fan it Kristlik Selskip. Dy meie hjir wol omtinken krije: yn de oersichten fan Van der Meer en Breuker komme hja net foar.

Yn 1918 skreau Wumkes oer *Fryske lân en Fryske libben*: 'Dit is in gouden boekje fol fen de tearste, ealste heitelânske fieliings, Frysk-nasjonale poëzy fen it bêste soart. Binammen de Friezen om utens, dy't de pracht misse fen ús mieden en loftten, de smoutens fen ús doarpkes en wenten, kinne hjir in skat fine dy't mei gjin jild to biteljen is. Dizze fersen scille hjar op sêfte wjukken drage nei in ynljeaf heitelân. – En wysels scille dit boekje nimme en it faekris lêze op in fredige Sneintomiddei, as wy oer ús komme litte wolle de moaijens fen Fryslân. – Dit boekje scil yn it libben bliuwe. En men scil net hoeve to sizzen: Keapje it, hwent it scil himsels rikkommendearje allyk de poëzij fen Klaus Groth en oare folksdichters.' Noordmans soe sizze dat Postma en Wumkes har al te nasjonalistysk uterje. It moat net de kant fan 'Blut en Boden' út. Net allinnich yn Dútslân, ek yn Fryslân is it dy kant letter wolris útgien. Dêr moast Noordmans neat fan hawwe. Der hawwe net folle teologen west dy't sa fûl mei de natuerlike teology ôfweeft hawwe as hy.

Is de resinsje fan Wumkes kritykleas, dat kin net sein wurde fan de besprekking fan A.M. Wybenga. Dêr moat wol oan by sein wurde dat dy oer de twadde bondel *Fryske lân en Fryske libben* fan 1923 giet. Wybenga is der wakker oer te sprekken: 'Der libbet it Fryske herte yetris fen op. It is my great to sjen det it peil fen it Frysk-lêzende publyk út 'e hichte giet. Der komt fieling for it teare en skiene fen ús lân en ús widen. - Lyk de natûr in libbene wûnderskilderij neamd wurde mei, sa is dit boekje in biwiis, ho't de dichter mei fieling en krektens de moaijens fen dizze wûnderskilderij yn him opnommen hat en ús dy hearlikheden oanwiist, lyk wy se alle dagen sjugge, en faken libje eft wy der neat fen merke. Alles libbet hjir for de ljeavjende. – En in glimke boartet der oer. – En in twirke lit yen fielle: oer de Fryske greiden waer de wyn fen Fryslân.' Wat Wybenga ek oansprekt: 'Dr. Postma fielt for de greate mannen dy't foar him de Fryske pinne hantearren. Hy bitinkt master Salverda en Waling Dykstra, en ek de broerren Halbertsma hawwe in waerm plakje oan de Dichter syn herte. Hy seit fen de Rimen en Teltsjes:

Dyn tael is echt; sa hat ús pake spritsen,
Mar opskreaun is 't mei dichters gouden pinne,
Dy hearre ek hwet yn herten bliuwt biditsen
En dy't it hege en sljuchte skiede kinne.

Wybenga einiget: 'Om de tige moaijens en dichterlike tekeningen fen dit ienfâldich-keine boekje hoopje ik det dizze twade printinge net minder gau útforkoft wêze mei as de earste.' Mar no de krityk! Dy hat te krijen mei 'in trien fan wêmoed' dy't neffens de resinsint troch de bondel fonkelet: 'Ik sjuch dy trien hast by al dizze fersen, ek as 't yen yn 't earstoan oanliket det it allinne mar om in glimke to dwaen is. It is net faldelich det it hast mankelike *De boerinne fan Surch* foaranoan yn dizze samling stiet.' Wybenga ferfolget: 'Hjir kom ik op myn bitinking tsjin dit boek: it jowt yen tsjin it wêmoedige gjin inerlike

forsterking. Gjin hope op 'e goudene takomst fen Jezus Christus. It goudene sit yn 'e tiid 'det men fen froeger dagen dreame kin.' – It moat yen oandearre. – Dêr sil wer mei gearhingje det de 'fromme mannen fen Allingawier' in prikke krije det hja de Alde Tsjerke forlieten en in 'keal flinterhúske' yn 'e greiden setten, om der de 'wiere lear' to hearren. – Sa scil de Christen net foldien wêze, as er dizze bondel mei in sucht oer it moaije en om 't ûntbrekken fen noch suverder moais út hannen leit. – Hy mist fen it Fryske libben de goudene wierens fen it libjen yn God de Almachtige, it libben fen de fromme dy't dei oan dei yn 'e rykdommen fen 'e Natúr en Majesteit en hearlikheit fen de Iyve klearlik sjen kin.'

Wybenga wie oars net de iennichste dy't krityk op de weemoed yn *Fryske lân* en *Fryske libben* hie. Yn in resinsje fan de earste bondel skriuwt D. Kalma dat Postma – lykas Ids Wiersma – ûnder de tsjoenkrêft fan it ferline libbet en it bêste dêrfan ferhearliket en dat de dichter 'dit sêfte en stille liet fen neitins en wêmoed' songen hat. Yn syn besprek fan de twadde bondel neamt Kalma him 'de sjonger fen de stiller fielingen, fen mimer, wêmoed en oantinkenslok'. Yn 1953 uteret Kalma nochris de klacht fan de Jongfriezen oer Postma: 'Dizze man stiet mei it antlit nei it ferline ta.' Oare resinsinten hawwe dêr ek oer skreaun. Mar dêr is noch net alles mei sein. De dichter syn liet is neffens C.A. Faber gjin klacht om wat fergie, 'hwant hy kin hwat foarby gien is sjen yn heger ljocht.', sa't Postma sels yn 'In sjonger fan it ferline' út 1918 seit; neffens Piebenga libbet by him wat fergien is noch; neffens Van der Meer is it ferline by him tagelyk ek hjoed en takomst. Sierksma hat skreaun dat de ienheid fan ferline, no en takomst by Postma wol út langst nei it ferline fuortkomt. Hoe't it ek wêze mei, my tinkt dat Noordmans it hielendal mei Wybenga's opmerking oer 't ûntbrekken fen noch suverder moais' iens wêze soe. As der ien teolooch west hat dy't net nei it ferline seach, mar nei de takomst (fan it keninkryk fan God), dan wie dat Noordmans. De weemoed, de manklikens fan Postma soe er him net mei ferienigje kinne. Oars sein: hy soe it net iens wêze mei wat dy yn 'Oarloch' seit: dat kleie oer it ferlerne it begjin fan lok wêze soe. Ik kom noch ekfes op Kalma werom. Yn 1941 skreau hy: 'De binding oan het verleden, de afwendig van de toekomst, ofschoon het meest treffend, is toch niet primair bij Obe Postma geweest. Ook voor hem is de vraag van het wezenlijke in de eerste plaats gekomen.'

Ik slút ôf mei wat Postma en Noordmans oer de Ljurk skreaun hawwe. It ferskil yn libbensskôging tusken beide mannen komt dêryn moai ta utering. Yn it dichtwurk fan Postma komt de Ljurk withoefolle kearen foar, yn de bondel út 1918 trije kear. Yn 'Yn maart' hjit it: 'De Ljurken sjonge omheech har liet.' Yn 'Fan lûd en rook' seit de dichter dat de Ljurk song. Yn 'Om maaie hinne' lit er witte dat de Ljurk heech stiet. De Ljurk is ek yn in meditaasje fan Noordmans te finen. Yn de oertinking fertelt er dat er in

kear mei syn seis jier âldere suster, 'die nu reeds lang met Gods engelen zijn aangezicht aanschouwt', nei skoalle gie. Underweis repetearren hja it ferske dat hja út 'e holle leare moasten: Psalm 24. De ein fan syn ferhaal: 'Als in die zelfde april-maand op de zaterdag de namiddagschool en de avondschool stilstonden en wij samen reeds op de middag huiswaarts keerden; als wij dan aan de rode landweg kwamen tussen de groene weiden, dan verhoogden de poorten de boog, en wij gingen er onder door met een stille, blijde verbazing. Dan werd het zonlicht tot een verheffing (Ps. 4: 7) en tot een opening naar het rijk der klare waarheid. Dan beitelde zich de leeuwerik in het blauw des hemels zijn trap, klimmende en het 'lied der trappen' zingend tot de top. En dan rinkelden vandaar de heldere kraaltjes van het geluid al stuitend naar beneden tot voor onze voeten. Door deze poorten en langs deze toon- en hemelladders gingen wij, Gods engel en ik, 'verrukt ten reije'. Wa't de Ljurk by Postma en de Ljurk by Noordmans ferliket, moat fêststelle dat it hâlden en dragen fan de fûgel by de iene net en by de oare wol in teologyske diminsje hat.

Boarnen:

- Breuker, Philippus, 'Nawoord', yn: *Obe Postma. Van het Friese land en het Friese leven*. Fan it Fryske lân en it Fryske libben. *Een keuze uit de gedichten* (Amsterdam 1997), s. 147-157.
- Breuker, Philippus, "It godlike fan dream en sinnen". In ynlieding op de *Samle fersen* fan Obe Postma', yn: Obe Postma. *Samle fersen*. Mei in ynlieding fan Philippus Breuker. Besoarge troch Tineke Steenmeijer-Wielenga (Leeuwarden/Ljouwert 2005), s. 499-575.
- Faber, C.A., 'In dreamer op stille paden', yn: *De Tsjerne 1* (1946), s. 185-190.
- Kalma, D., resinsje fan O. Postma, *Fryske lân en Fryske libben*, yn: *Frisia 2* (1918), s. 31f.
- Kalma, D., resinsje fan O. Postma, *Fryske lân en Fryske libben, De ljochte ierde en Dagen*, yn: *Saxo-Frisia 3* (1941), s. 52-55.
- Kalma, D., 'Dichter en Styl', yn: *De Tsjerne 8* (1953), s. 81-84.
- Meer, Geart van der, 'Ta skiente brocht wat net as libben wie', yn: *Troetwaer 11* (1979) nr. 4, s. 209-256.
- Noordmans, O., *Verzamelde Werken* dl. 1 (Kampen 1978), dl. 8 (Kampen 1980), dl. 9A en 9B (Kampen 1999).
- Paul, Herman, 'Rickert in Nederland. Sporen van neokantiaanese geschiedfilosofie', yn: Jan Guichelaar, George B. Huitema en Hylkje de Jong (red.), *Zekerheden in waarnemingen. Natuurwetenschappelijke ontwikkelingen in Nederland rond 1900* (Hilversum 2012), s. 191-211.
- *Obe Postma. Samle fersen*. Mei in ynlieding fan Philippus Breuker. Besoarge troch Tineke Steenmeijer-Wielenga (Leeuwarden/Ljouwert 2005).
- Piebenga, J., 'Wetterpas en reinbôge', yn: *De Tsjerne 8* (1953), s. 94.
- Sierksma, Fokke, *Bern fan de ierde. In essay oer it dichtwurk fan Obe Postma* (Drachten 1953).
- Wassenaar, J.D.Th., *Noordmans in Friesland. Bijdrage tot de biografie van een kerkvader* (Zoetermeer 1999).
- Wumkes, G.A., resinsje fan O. Postma, *Fryske lân en Fryske libben*, yn: *Yn ús eigen tael 10* (1918), s. 20.
- Wybenga, A.M., resinsje fan O. Postma, *Fryske lân en Fryske libben 2*, yn: *Yn ús eigen tael 15* (1923), s. 191f.

IT SIL BESTEAN

'Yn ierdske begean fan it tideleaze wûn.'

Geart van der Meer


1. Oanrin

Omdat yn myn lêsferslach fan *Dagen* gjin echt nije ûntjouwingen te merkbiten wienen op it gebiet fan Postma syn dichterskip en wrâldbyld, ferwiis ik foar in koarte gearfetting nei de *oanrin* en *oereiding* fan dat lêste ferslach.

2. IT SIL BESTEAN (1946)

Dizze bondel befettet de fersen skreaun tusken 1937 en 1943. Postma is dus yn 1937 69 of 70 jier. En der komt noch heel wat wurk, ek al is minsklikewize sprutsen syn libben min of mear bij de lêste knikken yn de tomstok oankommen. Wat opfalt is dat syn produksje, rekkene neffens eardere bondels, navenant per jier tanimt. Fierder is it goed om even te betinken dat in part fan de produksje yn de oarlochsjierrren al, en it is de moeite wurdich om dat yn gedachten te hâlden.

De bondel begjint mei trije praatgedichten, wêrfan 't de earste twa net sa botte nijsgjerich binne. It earste besjingt it âlde grut-Fryslân en it twadde in freonskip mei in sekere 'Pier', dy't Postma as in 'ljocht wjerfarren' beskôget. It tredde, OP IN REINIGE MIDDEL (1938) sit wat mear byt oan. Postma moat oan de wurden fan Slauerhoff yn 'Zeemans Herfstlied' tinke, en konkludeart sa't skynt dat 'gedachtloos gelukkig' foar it rût toevjen net foar him wei-lein is. Dan ferwiist er nei blykber in opmerking ergens! oer him: 'De grutte en lytse dingen fan it lân besjonge' – dat soe syn 'fak' wêze. Mar, antwurdet er, 'Jou my dan de grutte dingen' mar, dan hoef ik net 'op 'e / terpen en diken fan ús âlden' stean te bliuwen. En dan as foarbyld fan wat gruts ferwiist er nei 'Aesge en Keimpe fan Blije', dy't yn de tolfde iuw bij fjochterij it libben lieten, wat Keimpe oanbelange yn de slach bij de 'Boarne'². Hij soe dus wol fan 'grut en sterk' sjonge wolle, in 'mannesang', al hoeft der gjin bloed te floeien. Dan folget in ferwizing nei *De Drie Gebroeders* fan Antoon Coolen (1936), dat foar in part yn Fryslân spilet, dêr't it ek om grutte en sterke keardels giet, mar Postma kin inkeld tinke oan 'sterke bûterskipersfeinten fan Grou', dy't oer har hinne wâdzje lieten³ doe't de nije boargemaster kaam.⁴ Dat wie sa't



skynt ek net sa 'grut'? Postma konkludeart dan mar dat er de 'see' wol hawwe moat om 'it grutte te finen.' Mar, sa beslút er wat weemoedich, mei syn oan de 'búthúsmjilling' wende eagen sil er 'de see [...] wol net mear benei komme kinne'. Yn in wat letter gedicht yn 1941 skriuwt er 'En smert om lytsens kurf syn marken yn'. Sadwaande liket ek dit gedicht mei wat weemoedige humor al wer oer dyselde spyt te gean dy't wij yn it eardere Dagen ek al tsjinkommen wienen.⁵

'IK GING GELOOVEN DAT IK NU GING RUSTEN' (1937) is skreaun nei oanlieding fan de dea fan Slauerhoff. Postma siteart (yn Fryske oersetting) út syn gedicht 'Zee-roep' de wurden 'In hús bewenje, klearre sinnen skriuwe,'

¹ Wêr?

² Boarnwert yn de Dongeradielen.

³ Wêr't dit op slacht, wit ik net.

⁴ Sjoch foar dy ferwizingen de oantekens sels fan Postma yn dizze bondel.

⁵ En sa hat er it yn TROECH IT FOLK HINNE (1939) ek al oer groeden, 'dy't spyt dêr yn dreun hat'.

as in ideaal dat Slauerhoff net wiermeitsje koe – de see loek him te sterk. Postma antwurdt op de fraach hoe't hij, sa'n 'stadich man', him sa oanlutsen fielt ta dy 'wyld feint' mei de wurden

Mar is it dan dat frède makke in dichter
Dy't fan in folts wat yn him sels beslút?

Want: elk hat wol langsten dy't as 'wyld fûgels'⁶ ta it hert útflane, as it 'macht hat ta it liet.' Sa'n hert 'is frjemd net in dy't moediger / As oaren syn libben seit, frijer ta died.' En dêrmei komt Postma eigenlik op suver wer itselde tema as yn it foarige fers oer de reinige middei: de langst nei gruttens en it bûten de stringen stappen (sûnder it te dwaan, lykwols). En dêrbij moatte wij dan ek wer tinke oan dy uteringen fan spyt no en dan oer 'lytsens'.

It gedicht **TEBINNENBRINGEN OAN DE DICHTER VERWEY** (1937) giet nei it oantinken oan Slauerhoff no oer in middei yn 1898, doe't Postma yn it 'âlde lêsmuseum' yn it *Tweemaandelijksch Tijdschrift* Albert Verwey (1865-1937) syn gedicht 'De schoone schijn' lies, út *De Nieuwe Tun*.⁷ Verweij lit hjir de 'schone schijn'⁸ in persoan tasprekke (de dichter) dy't no wer thúskommen is, nei omswalke te hawwen op 'e wrâld, mar sûnder himsels dêr de skatten garre te hawwen dy't net dêr, mar inkel yn it hart te finen binne: 'o mijn kind! de wereld is niet rijker / Dan 't hart dat hart en dingen in zich sluit.' En fierderop: 'Kom in mijn huis. Geen schat dien ge ooit vergaarde / Vergaat wijl in u groeit wat schatten wijdt.' En: 'Gij zult uw rijkdom en uw landen en uw steden / Hervinden in het plakboek van dat kind [= de Schoone Schijn]'. Verweij beslút dat alles teneate giet dat net yn it skientme-fielend hart bewarre bliuwt: 'Alles tot niets. Ook gij. Als dan uw handen / Het sprietgras tellen of 't dubloengoud waar', / Als door uw vingers 't korlig duin zal zanden, / Gij-zelf het tijdglas van uw levensjaar, / Als gras en korf aan u gelijk zijn leven / Leeft onder de lachende zon, / Dan zal zij in u zijn die gij eerst neven / U meende, toen ge uw leven in mijn huis begon. / Dan zal zij in u zijn. / Die alles tot alles maakt: / Dan heeft de Schoone Schijn / U aangeraakt.'

Dat tema fan it yn it hart bewarre ûndergiene moai dat yn de herinnering ta skientme wurdt, hie Postma fansels al ferskillende kearen behandle, bijgelyks yn 'DE LYRYSKE JAMMERDEAR-LIKHEID HAT NO IN EIN NOMD' (1933). Syn besef dat, lykas it yn it Ingels klinkt, 'beauty is in the eye of the beholder,' en dat skientme gjin *ding* is, mar in oardeel en in gefoel, stamt neffens it internet, dy geweldige boarne, al út de klassike âldheid, en is sadwaande net nij fansels. Ek it idee dat troch it ûnthâld

de tiid oerwûn wurde kin ta tiidloasheid, liket dy middeis yn it 'lêsmuseum' troch it lêzen fan Verweij al yn de kearn oanwêzich. Postma skynt troch dy ideeën wol heel fûl troffen te wêzen en komt dêr nei in lytse 40 jier op werom, en hij einiget mei:

Hy [Verweij] wie in freon oer mannich jier.
– O frjemde gearsit, sokken freone ring!
Ien op it blanke dún [Verweij], ien ûnder 't kreunend want [Slauerhoff];
Mar uzes is har stim, en hâldt syn gouden tiid.

Trouwens, ek dat heel direkte kontakt, en it ien-wêzen, mei de ierde yn 'Als door uw vingers 't korlig duin zal zanden etc.' komt letter gauris bij Postma werom, bijgelyks yn de rigel (YN MAART, 1935) 'Mar ik wriuw de modderkluten fyn yn myn hannen' en 'O doe't ús hannen de klaver skearden, / Troch ús fingers de kerlen rûnen,' (DE IERDE NEL, 1927) liket in fiere echo fan Verweij.

Nei oanlieding fan de *Hollandsche Kwatrijnen* fan P.C. Boutens, dêr't er guon fan oerset hat dy't ik hjir net besprekke sil, moat Postma ek op it idee kommen wêze om sels (1938) dy uterst kompakte dichtfoarm te prebearjen. Om 'e romte kin ik mar in pear neame, dy't ús byld fan Postma fersterkje.

Fan ierde' wêzen bin 'k in simpel part;
Nei har werom giet it memkennich hert.⁹
De gloed fan 't fjild, de bloei, de skyn fan eagen –
't Is yn har siele my fan 't iv'ge bard.

As dat 'har' yn de lêste rigel op de ierde slacht, dan wurdt hjir dus ek dy ierde in siele tadichte, yn letterlike sin de 'mem' fan Postma. Dy siele is ivich, en dêr giet er wer nei werom en sadwaande is it sielebestean fan Postma ek ivich. Ik rin no even foarút nei 1954, as Postma yn SA'N LIBBEN skriuwt dat er 'fan wrâld-siele diel' is. Dat idee, fan in wrâldsiele, lit mij sterk oan de ideeën fan Heymans¹⁰ tinke, dy't ek in wrâldsiele oannimt. Mar ik kom hjirûnder dêr noch wol op werom.

Ut de saneamde BENEAMDE KWATRINEN I komt ús ynienen wat tsjinstridichs ûnder eagen. Sa klinke de twa slotrigels fan 'Doel?' sa: '– En yn al libbens bloei is net it *Godlik wêzen*'¹¹ / O earm bestean! O droeve poppek-lucht!' wylst ' *Wearde 'fan it ferline* '

'Net yn him sels hat it ferline wearde;
It is dat minske en folts syn leksum keard.'
– En ta dyn heapke wiisheid hat it west
Dat God Almachtich 't grut heelal fermearde?¹²

ek al in wurdkar brûkt (skeanprint fan mij) dy't – as we net better wisten – inkel op in kristlik leauwen yn in persoanlike god slaan kinnen. Wa't inkel dit fan Postma lêze soe, moat wol tinke mei in o sa kristlik dichter te krijen te hawwen. Hij hie syn wurden sadwaande better kieze kinnen. Fierder binne guon fan dizze kwatrinen wol goed slagge.¹³

Dat Postma yn oanlis in homo wie, is al ferskeidene kearen bewerd, en BLOMMEJONGE (1938) jout dêr seker oanlieding ta – teminsten as wij de bewûndering foar de skientme fan ien fan itselde geslacht sa útlizze. Dan soe lykwols Simke Kloosterman ek lesbys west hawwe, wat ik noch noait bewearen heard haw, want yn OP HAR DY'T 'LIBBENSBOEI' SKREAU (1941) docht him itselde ferskynsel foar, as sij de 'de skiente fan in frou' beneamt yn al syn 'hearlikheid'. Dat de (hast?) santichjierrige Postma blommen keapet fanwege in moai jongesgesicht, is trouwens wol opmerklik, en hij sjocht yn it bûginkje fan dy jonke 'tank foar loaitsjens'¹⁴ huld' / Oan 't skiene'. Dat is trouwens wol slim argays en 'gekunsteld' sein, en dat 'huld' 'sûnder slot-e bewûnderje ik ek net sa bot – wer ien fan syn rare trúks, wylst er gewoan 'hulde' skriuwe kinnen hie, dat toch al mei natuerlike elisy yn de begjinfokaal fan 'oan' oergeen kinnen hie.

Yn MYN FERSEN (1938) sjocht de al bejierre dichter werom op syn fersen, en hij beskôget se as syn 'bern', 'opkomd út [s]yn bloed', mar der binne bij dêr't er him fan ôffreget, oft er dy sels wol 'wûn' hat. En dan komt er wol ta in heel nuveraardige konklúzje: 'Eat *bûten my* [skeanprint fan mij] hat him ta libben bylde, / Sa hat in macht'ger wâldzjyn foarming fûl.' Hjir leaut er, o wûnder!, yn in soarte fan ynspiraasje út dy al-siele wei.

Nei dy mylde humor en selsop fan ALD (1939), dat er gjin epos skriuwe kinne sil, op syn heechst in 'eposke ... fan it meanen ôf oan it gersdruien ta', en him net rêde kin mei koaren en tsjinkoaren, lykas yn it wurk fan Douwe Kalma en Fedde Schurer,¹⁵ en dat er wol âld mar net 'earwurdich' is, en dat Eckermann (dy't petearen mei Goethe útjûn hat) 'besauwe' soe as 'him sok spul fan my ûnder de eagen kaam', wiist er op syn eigen poëzij, 'net mear wat heechs en aparts, mar frij en nei it neatichste útgeande!' Wij witte noch fan syn ferwizing nei it koalsblêd en it lûsjefersprikkje (DICHTERS STOFFE, 1936), mar beseffe tagelyk dat er dêr ek sein hat dat yn sokke dichters 'it wêzen fan alle wrâld' gearkomme sil. En dat fan ien dy't wol 'âld as syn Ekselsinsje [= Goethe]' is, mar toch 'lossinnich

en bûten regel!' Mar de âlderdom hat blykber 'frijmakke' en as it 'belibjen' op jin takomt, dan skriuwe jo ek oer de 'neatichste' dingen! It sil ek net tafallich wêze dat it folgjende fers, dat ik fierder net besprek, hjit fan GRUTTE EN LYTSE DINGEN (1939), om mear omtinken te jaan oan OAN DY'T MY LEZE SILLE YN LETTER TIID (1939), wat wol ien fan de kaaigedichten neamd wurde kin, en trouwens ek wer oer it neatige en ûnbetsjuttende giet, yn fergeliking mei it duorsume fan piramiden en koper. Dat lêste slacht op it tredde boek fan de *Oaden* fan de Romeinse dichter Horatius, dy't opspekt dat syn gedichten duorjender as koper ('aere perennius') wêze sille. Nee, seit Postma, it groeide út 'it flakke lân stil nei de sinne op' en 'is net sterker as de minskene hert'.¹⁶ Mar toch, faaks fynt it letter toch in 'lusterjend ear', want minsken hâlde har 'wûnderlik begear'. Dan de tredde strofe:

It is myn lân, it is syn folts; in hús;
In boereminske yn 't hôf; in hjerstejûn.
En siele¹⁷ hat – o dream yn simmerlân –
Yn ierdske begean fan it tideleaze wûn.¹⁸

Oannimmend dat dat ûnferwachte 'syn' gjin printflater is foar 'myn', moatte wij dêrfoar in antesedint fine. Strikt besjoen is dat net de lêzers yn de titel, want dy steane yn it meartal.¹⁹ Mar wa wit hat Postma hjir in lyts grammatikaal útskamperke makke, en is dy ferwizing wol de bedoeling. De iennige oare mooglikheid dy't noch oerbliuwt is in ferwizing nei it krektneamde minskheit, wat net sa oannimlik liket. En dan dy twa lêste rigels fan dizze strofe – dy soe men in gearfetting neame kinnen fan al it dichtwurk fan Postma. Postma, de moaiwaardichter yn it simmerlân, waans siele troch de 'dream' (fan it ienwêzen mei in alomfetsjende ivige tiidloaze siele) paradoksalerwize yn syn *tydlik* 'ierdske begean' de opheffing fan de tiid 'wûn' hat ta 'it tideleaze'.

Yn de fjirde en lêste strofe feroaret Postma wat fan ûnderwerp, om it oer *himsels* te hawwen. Hij hat him yn syn dichtwurk bleatjûn, seit er, 'iepener' as wenstich wie en 'fij fan skuttend byld'. In 'feint, in bern' hat er west, 'sûnder pols of skyld'. Dat 'skyld' as midsiuwsk beskermjend wapenreau is dúdlik, dat 'pols' minder. Yn it bij de gelegenheid fan de ûnthulling fan it boarstbyld útjûne boekje skriuwt Philippus Breuker dat de âlde Friezen foarhinne ek de pols as wapen yn 'e striid brûkt hawwe. Dat liket wol oannimlik, al bedjert dat wol wat de eardere

⁶ Ferwizing nei Simke Kloosterman?

⁷ Te finen op it internet hjoed-de-dei.

⁸ Dat hat no in minne bijklank, mar stiet hjir noch foar de skientme.

⁹ Postma hat fansels ek *hart* ynpleats fan *hert* sein, sjoch it rym.

¹⁰ De Fries Gerard Heymans (1857-1930) wie heechlearaar yn de wiisbegearte en de psychology te Grins en bekend om syn hypotese fan it psychys monisme, dat alle *werklike* prosessen psychyske prosessen binne, dy't har lykwols oan ús *foardogge* as prosessen yn de wrâld fan de matearje.

¹¹ Skeanprint fan mij, GvdM.

¹² Dit moat fansels 'formearde' wêze.

¹³ Inselde betiizjende wurdkar fine wij yn de lêste rigel fan AS IK FUORTGEAN (1938): as himel en ierde fersinke, 'Dan mei' de Uneindige riede.

¹⁴ Alderwets wurd foar 'sjen'.

¹⁵ Bedoeld binne Kening Aldgillis en *Simson*, resp. fan Kalma en Schurer.

¹⁶ Dat 'de' yn 'de minskene hert' komt mij nuver oan. Ik hie earder 'it minskene hert' ferwachte. Yn de twadde strofe brûkt er wol it wat minder ûnatuerlike 'en minske' hert', want fansels ek gewoan en noch natuerliker wêze kind hie 'en 't minskheit'. Sj. ek de folgjende noat oer 'siele' en de ûnbepaaldens dêrfan.

¹⁷ Sa sûnder lidwurd of besittik foarmamwurd ('de/myn siele') fielt 'siele' hjir suver as in *namme* oan. Postma docht dat letter noch in kear, yn WER GIET JINS DICHTSJEN OER? (1940)

¹⁸ De lêste twa rigels steane op de sokkel fan it troch Frans Tiessen makke boarstbyld fan Postma dat sûnt 4 novimber 2014 te bewûnderjen is yn Tresoar.

¹⁹ Der stiet 'sille' en net 'sil'.

byldspraak fan it *ferskûljende* skyld en de iepenens, want in pols is dan in *oanfalswapen*, en net sasear om jo achter te ferskûljen.

It liket karakteristyk foar Postma te wêzen dat er yn opienfolgjende gedichten syn tema's opnij opkriget en fierder útwurket, want dy *iepenens* liket daalk bewiisd yn TSJINJE - *De jongste fan de twa freonen sprekt* (1939). Der wurdt wolris fan útgien dat Postma syn wat âldere freon, de arabist Tjitze Jacobs de Boer (1866 - 1942), hjir de âldere fan de 'twa freonen' is en dat Postma hjir, neffens it foargeande fers iepen 'op dichters baan', it hjir oer in mooglik homofile bân - of yn elk gefal wjersidige oantrekkingskracht hat. Lykwols, al giet it oer himsels (fanwege it brûken fan dat 'ik'), De Boer wurdt net neamd en is sadwaande net echt ûnderdeel fan de tekst. Postma belibbet himsels hjir yn syn freon, en giet syn 'paden', stiet as in 'skyldfeint' nêst him,²⁰ draacht as 'sier' syn wapen en earet sa syn 'slachte-spreuke'; hij is syn 'rieder' en liket jaloers it 'each op frjemde knapen' te hâlden. Dat klinkt ridlik begryplik, as we De Boer even ferjitte – want oars begjint men te sykjen om details út it libben fan De Boer *sels* yn ferbân mei Postma, dy't der net ta dogge, want de tekst neamt gjin De Boer. Dan dit:

Ien kear, mei dyn earmen om my hinne,
– Boartsjen wie it – loekst my tsjin dy oan,
Hast my neamd dyn bêste soan;
Och, ik bin dyn heit en dyn slavinne.

Hoe moatte wij dat begripe? Ek al skriuwt Postma hjir 'frij fan skuttend byld', hij behimmelt dy sêne toch ek wer mei dat '[b]oartsjen wie it', mar toch. En dan dy dûbele rol fan 'heit' en 'slavinne', dat wol sizze tagelyk beskermer en tsjinstbere – mar ... wêrom ynienen dat *froulike* slavinne? Dat rymt fansels, mar dat mei net de iennige reden wêze. Wij meie hjir in nijsgjirige ynkykje hawwe yn it karakter fan Postma, mar it skyld is net helendal wei-nommen, en it bliuwt toch wol wat in riedselich fers.

Ik neam it fierder net bysûndere HJA KOMM' OP MY TA (1939) inkeld omdat hjir foar de de earste en lêste kear it begryp 'al-ûnhâld' foarkomt: 'En de ivige stream rint de kusten lâns, / Dan bêde yn it al ûnhâld' – mei, fansels, ek wer dat byld fan de stream.

Obe Postma sil wolris fregje wêze, wêr't syn dichtsjen no presis oer gong, en WER GIET JINS DICHTSJEN OER? (1940) is dêr it antwurd op. Hij skriuwt net oer God, want hij stiet as 'heiden slein oar tsjerkeweach',²¹ hij skriuwt gjin 'jong-minne liet',²² mar wol oer heitelân, en ek natoer, mar dan net as idele bylden, mar '[s]a as hja droech, de ljocht en libbensstream'. Dat klinkt fansels o sa bekend. Dan de gearfetting:

Mar alles is yn alles; siele²³ hat
Syn libbensreis en swetten binn' net oer.
Sa mei it wêze dat in sellet liet
Sjongt God en leafde, heitelân, natoer.

Dit moaie gedicht is sa in treflike gearfetting fan syn leauwen yn de ienheid fan alle dingen, en dat 'alles is yn alles' hâldt grif ek ferbân mei de wurden 'Hoe't skiente alles ta alles makket', út TEBINNENBRINGEN OAN DE DICHTER VERWEY (1937). En itselde tema wurdt oansnijd yn it folgjende UNIERDSK PETEAR (1940) tusken in '[â]lde dichter' en in '[j]onge dichter', dy't net mei namme neamd wurdt, mar as in 'Fryske feint' wol Slauerhoff wêze moat. Sa besiket Postma om Slauerhoff yn te liivjen bij de Friezen, en eefkes earder mei de wurden 't Omfiemjend tinken hat ús tocht as ien', wat dan troch de jonge dichter ûntstriden wurdt mei de wurden 't giet my net oan' en '[m]yn lân wie nearne'. De âlde dichter hâldt fol: 'As it besibbe neitiids komt ta ien – / Sa sei it in wize man – dan hearre wy / No ta ien ryk' en yn 'oprjochtings, dy't syn wêzen sei' wienen sij wol deselde. En 'Jo koene net ûntrinne einfolks bloed' foeget de âlde dichter dêr noch oan ta, wat in frijwat romantise en twivelachtige bewearing is, liket mij. Dit opfallende 'petear' foeget wer in nije formulering ta oan de list fan omskriuwingen fan de 'al-siele': *it omfiemjend tinken*.

OERTINKING (1940) is eigenlik net in bysûnder moai gedicht, wol yn kwatrinen skreaun mar fierder yn de frije rymloaze foarm. It giet oer minsken en har wurk dat úteinlik ferdwynt en fergetten wurdt en 'ferrinnewearre'. Mar dit gedicht befettet wol ien fan de bekendste rigels yn it wurk fan Postma: 'Mar wat west hat is wat oars as wat net west hat'. En: 'It moat stean bliuwe yn de Geast dy't it al belibbet' en dan sil it 'Yn al syn fazen [...] behâlden bliuwe'. En sadwaande ha wij al wer in oare beneaming fan wat ik mar even wer de 'al-geast' neam. DOARPKE (1940) en ARBEIDERSHUS (1940) breidzje dan min of mear al pratendewei fierder oan it tema Frysland en 'it sil bestean', mar 'BINNE JO WOL FOLKSK?' (1940) is ynienen in frij skerpe reaksje op wat der yn 1940 gebeurde is mei de besetting fan Nederlân en op it nasionaal-sosjalistyske tinken. 'Ja, ik bin folksk – 't is in tormint sa'n wurd!' is de earste reaksje fan Postma op dy fraach, dy't him blykber steld is troch Fryske meirinders fan de Dútsers. Mar hij is 'folksk' gewoan, en mear net, troch syn geboaren wêzen as Fries mei Fryske âlden, mear net, en dat giet him oan. Mar oft soks 'ta goed bestean' liedt? Dat hat hij 'noch net yn rigels stoid,' 'skruten' as er dêryn is, en hij wol net samar 'rou oan it tsjepjen gear.' Mei *tsjepjen* bedoelt er 'tsjep' meitsje, dus moaier meitsje as it is, kreazer meitsje. Nee, it folk is sa't it is:

Mar o, dat wize mastersfolk,
Dat wit fan suv'rens en fan tsjoed!
– In frjemde skildersman wol Saske ha;
Oan 'e himmel stiet in gloed...

Dat 'Saske' slacht op Saskia (Saske) van Uylenburgh (1612-1642), de Ljouwerter boargemastersdochter, dêr't Rembrandt yn 1634 mei troude. Mar dy 'frjemde skildersman' is hjir fansels Hitler, de mislearre keunstskilder, dy't mei syn geweld de 'himmel' yn 'gloed' set, en der op út is om de harten fan de Friezen te winnen, teminsten sa ferstean ik dy ferwizing nei 'Saske'.

NIMMEN EN JAAN (1940), wer in praatgedicht, giet earst yn op de fraach wat er nommen hat, dws. meikrigen hat fan syn âlden en Fryslân: ûnder oaren ek de langst nei 'mynske witten' en 'de eale skyn / Fan keunstich byld'. Dan folget yn de twadde helte it riedselachtige 'faaks wie er ek / Wat better bleau ferswid' – mei alwer dy ûnferklearre spyt om wat net west hat. Dan wat er jûn hat. Der wie bij him de 'twang / Ta bouwen en ta jaan'. Dat 'bouwen' hat de 'swiete poëzij' west, dy't er Fryslân jûn hat, as 'it lok' him oerweldige, omdat 'libben sa as mylde dream' ferskynde op in 'ljochte dei'. Dat klinkt ús ridlik bekend yn 'e earen. En dat 'jaan'? Wel, dat 'ljocht' wie der ek 'as it begripen bynt, / En ta ús witten bringt wat fier yn 't wylde lei'. Om dat te begripen moatte wij der wol wat eksterne kennis oer Postma bij helje, nammentlik dat er as lânbouhystoarikus heel wat út 'e wei set hat – kennis dy't leau ik net sa heel eksplisyt út syn dichtwurk te heljen is – en sadwaande 'bynt' [meielkoar yn ferbân bringt] wat earst 'fier yn 't wylde lei' [noch net yn gearhing presintearde wie]. Sa hat er 'fan beide' [poëzij en lânbouhystoarje] oan Fryslân jûn ta har bederf, / It is myn oanbring yn har geastlik erf".

OP HAR DY'T 'LIBBENSBLIE' SKREAU (1941) is hjirboppe al neamd, en ik slaan dat hjir oer, lykas ek OP 'DE FRYSCHE PETIELE' (1941).²⁴

DE BUTHUSBANK (1941) is yn WJERKLANK 3 (2007) wiidweidich becommentarierd troch Tineke Steenmeijer-Wielenga,²⁵ en is in foarbyld fan 'intertekstualiteit'. Dat wat wiidweidige praatgedicht ferwiist nei koart dêrfoar ferskynde stikken fan E.B. Folkertsma en J. Piebenga. Foar guon fan de lêzers fan doe, 1941, kin dat miskien noch wol te achterheljen west hawwe. Mar de fierdere persoanen dêr opfierd kinne inkeld de neiste famyljeleden en kunde fan Postma eventueel kend hawwe. Steenmeijer-Wielenga hat út optekenboekjes fan famylje fan Postma fêststelde kind wa't Albert-om en Fermer-om en sa wienen. Dat is lykwols, om samar te sizzen, gjin ynformaasje yn it publike domein, en ik rekkenje dy kennis sadwaande net bij de ynhâld fan dat gedicht – it

gedicht is feitlik ek wol min of mear dúdlik sûnder dy kennis: Postma jout mei wat fine humor krityk op Piebenga, dy't blykber wat omsmeuld hat oer 'artystekroechjes' en 'yntellektuele fermiddens', dêr't (sa liket it) neat goeds fan komme kin. Dy bûthusbank ('rêstplak yn libben fermiddens'), seit Postma, blykber wat in symboal fan it suvere Fryske boerelibben, hat er 'alheel fersake!' en dat kaam net fan dy kroechjes, 'mar yntellektuele fermiddens bin ik net alhiel frij fan bleaun'. Dit mei wat fine humor skreaune polemikyke is fierder feitlik suver in persoanlike dokumint, en hat as aktueel kommentaar op krekt ferskynde teksten bûten de kontekst fan 1941 eigenlik syn wearde ferlern. It is in wat anekdoatys *persoanlik* ferhaaltsje – mar ik jou ta, it neisneupen fan Steenmeijer-Wielenga jout in heel nijsgjirich ynkykje yn hoe't Postma heel fluch reagere kin, en hoe't er, lykas altyd, allinne skriuwt oer wat 'wier bard' is.²⁶

Yn PRODUKSJESLACH (1941) sjogge wij wer de Postma dy't him mei de 'útsprate hannen [...] tsjin 'e ierde drukt' ien fielt mei de hele wrâld, en hij bespot de 'boerelieders' en 'agrarske fronten'²⁷ dy't wat 'lytser man' wurde moatte, want dy kinne it ek net 'reine litte'. Postma hat ek wat de gek mei de 'Douwe en Rintsjemanen',²⁸ en hij soe wolris sjen wolle 'wa't har [de ierde] it neiste is.' Dan folget in frijwat ûnferwachte en op it each ûnlogise fraach: 'Kinne jimme noch bidde? Ik kin it net mear, mar wol kin ik my / Lys fiele, / Idel yn 'e romte fan it heele, wei tusken ferline en takomst, / Lichte flikkertins yn it Al beljiben'. En dêrmei kinne wij wer in nije formulering tafogje oan de rige dy't ik mar ûnder it haad 'al-geast' beflap.

In pear gedichten oerslaand neam ik even IPE DOUWE' SOAN (1941), mei alwer dy fierder net ferdúdlike spyt: 'smert om lýtensens kurf syn marken yn', om dan oan te kommen bij FAN LIBBEN EN DEA (1941), dat om ferskillende redenen ien fan de bekendste gedichten is. Postma mimert oer de dea, net inkeld fan de 'frjemde mannikten fan Ruslân', mar ek fan freonen en kunde fan syn jonkheid en letter, en hij seit 'Hja hawwe har libben ôfmakke en binne ús foargûn de swierste / fan alle wegen lâns; / Har stik stiet beskreaun yn syn opgong en delgong as yn in / boek opsteld fan it Al begripen.' Dan, ek syn eigen libben oersjend, moat er ynienen oan de filosoof tinke 'dy't [er] sa faken seach mei syn / heech, wat houten stal en syn losse mantel', en dy't 'al wie er dan monist' neffens in 'godbeleard man' yn syn 'lêste dagen ... folle frede hie, al wie er dan monist'. Dat dat de no wol hast fergetten Heymans wêze sil, docht der eigenlik net sa bot ta foar in goed begryp, wol dy opmerking oer it monisme. Wij witte dat Heymans in psychys monist wie, dat wol sizze it stoflike en in psychise binne mar skynber tsjinstel-

²⁴ It itensiedersboek fan Simke Kloosterman (1938).

²⁵ 'Boarmen fan 'De bûthusbank'.

²⁶ Sjoch DE JEFTE (1925): 'Al wat ik skriuwt, dat is wier bard.'

²⁷ De besetter is ûnderwilens dwaande de fakbeweging en alle organisaasjes yn syn greep te krijen en it yn 1941 oprjochte Nederlandsche Agrarische Front is in besykjen te rêden wat der te rêden is – mar dan wol ûnder Dúts tafersjoch.

²⁸ Grif Douwe Hermans Kiestra en Rintsje Pieters Siebesma (1894-1975), beide 'foute' boerelieders yn 'e oarloch.

²⁰ It is krekt as klinkt dat 'skyld' yn it foarige fers hjiryn troch.

²¹ De tsjerkemuorre, en ek it plak dêr't manlju gauris tsjinoan hongen foar in praatsje en rabberij.

²² Mei in ferburgen, net oanjûne, genityf: 'liet fan jonge minne.'

²³ Lykas al opmurken, ek hjir it wat nuvere brûken fan 'siele' as eigennamme.

de ferskiningsfoarmen: bij einsluten is alles ‘geast’.²⁹ Mar monisme kin fansels ek bewarre dat alles matearje is en fierder net. Postma jout hjir net echt oan hokker monisme as it hjir om giet. Wij witte út syn eigen wurk oant no ta wol dat er leaude yn de siele/geast³⁰ en in alles omfiemjende al-geast. Mar ik leau dat der nergens echt in bewiis te finen is dat er it bestean fan de *matearje* as radikaal ferskillend fan it net-stoflike ôfwisde. Hij seit inkeld: ‘Mar wêrom soe der gjin frede wêze, as it iene wêzensbegjinsel / opnomd wurdt yn it alomfiemjende lyksoartige?’ – wat ik sa lês: syn eigen siele sil opgean yn de al-siele, hjir dus wer oars neamd ... mar der is gjin inkele oanwizing dat er net yn it aparte bestean fan it stoflike leaude. Sterker noch, ik leau dat wij dêr wol it bewiis fan hawwe yn de folgjende rigels: ‘– Haw ik dy frede? Sil ik dy frede hawwe? Haw ik de ierde / net te leaf?’ Mei oare wurden: hij wit dat er de ierde (al it stoflike) *ferlitte* moat nei syn dea, en dat er dy net meinimme kin nei nei de al-siele ta (dy’t dy wrâld inkeld as ‘byld’ [= ‘herinnering’]) yn syn al-ûnthâld bewarje kin. Postma moat sadwaande beskôge wurde as dualist.

Dat atleast is myn foarriedige konklúzje.

Ik hie al earder opmurken dat bij Postma gauris it iene gedicht it oare úthellet, en ek hjir: FAN IN FERSTOARNE FREON (1942) begjint mei ‘mar’: ‘Mar dan tink ik oan in freon dy’t my neier west hat as hja / dy’t ik hjir beneamde.’ Dy net mei namme neamde freon moat wol Tsjitje de Boer wêze (1866-1942), destiids ferneamd arabist. Dit as in soarte fan *in memoriam* skreaune praatgedicht is fierder net sa opmerklik, útsein miskien fanwege de wurden dat er ‘[f]an de ierde net rekke en besmodze [west hat]; en wy freegje: soe net / oan sokken suverens it oergean lichter fâlde?’ dêr’t faaks ek de absolute skieding tusken de matearje en it psychise út opmakke wurde kin.

FUORTGEAN (1943) komt mei in nije term, it ‘Al-betinken’: Postma wit dat er ienkear stjerre moat om ‘ta de faderen / fersamle [te] wurde[n]’, dêr’t er har net mei ‘liifs-eagen oanskôgje’ sil, mar

It is mear dat ús stalten fan it Al-betinken yn ien byldberik gearbrocht en omfieme wurde sille.
– ‘Dan silsto allinne as byld bestean bliuwe?’ –
It meie sa werklik wêze as it byld fan dyn memme leafde!

Wat hjir opfalt is wer dat gauris brûkte wurd *byld*, dat ik leau ik ek hjir opfetsje moat as foarstelling dy’t men yn jo geast ergens fan hat, en dan faaks as *herinnering*. Dat strykt yn elk gefal hjir wol mei de oanhelle tekst, dêr’t hjir foar it earst fan ‘Al-betinken’ sprake is. Yn dat Al-betinken sil Postma dus *allinne* (!)³¹ fuortlibje as ‘byld’. Nei de eardere termen ‘al omfiemjend each’, ‘al ûnthâld’, ‘Al

belibjen’, ‘Al begripen’ no dus ‘Al-betinken’.³² En dat Al-betinken bringt yn ien ‘byldberik’ alle stalten gear en fiemet se. Ek hjir is sa’t skynt gjin sprake fan it weifallen fan it ûnderskie tusken matearje en geast (it net-stoflike).

Dan lykwols de hjirmei yn striid lykjende memorabele rigels:

Ik sil fuortgean, nei it lân fan myn âlden en freonen;
fan myn jeugd en myn follere jierren.
No noch it swierste stik. De fleanmasjines raze, mar
ik nim in bûtenromtlike ferbining. Anst falt de tiid
ek wei.

As Postma hjir letterlik it weromgean bedoelt ‘nei it lân fan myn âlden en freonen’, dan liket it krekt as beselskip-pet dy stoflike wrâld him ek nei it ‘Al-betinken’ ta, en dat soe in opheffing fan it dualisme betsjutte kine, mar dat sil net de bedoeling wêze. Ek al omdat er yn de rigel dêrfoar seit ‘it is my goed dat bliuwe sille wêr’t myn eagen oer hinne / gongen.’ Dy *bliuwe* dus, en geane net mei. In bytsje betiizjend is ien en oar wol, lykwols. It gedicht einiget trouwens aardich mei in ferwizing nei Tamminga syn gedicht ‘FEART’.

Postma, heech op jierren (hij is dan sa’n 75) skriuwt hast oan ‘e ein fan dizze bondel in prachtich gearfetsjend gedicht (LJOCHTE DEI 1943), mei no ris in strak folholden rymskema *aabb*, wat er suver noait dien hie. It is de moaiwaardichter dy’t we kenne, de sinne skynt en it is maart, en hij makket in kuierke. En wurden as *ljocht*, *skyn* en *klear* spylje net swak bij. Hij wit, it bloed is mei de ‘jeld ... ferskrield’, mar it is noch ‘fan ’e âlde gloed trochstrield.’ Hij wol wer dichtsjje, en de ‘ealste skyn dy’t oer de rigels falt, / Is fiere glim fan jonkheids dreamgestalt.’ It is wer de âlde dream fan syn jeugd, en sa libbet wer wat ‘ferstoar’ en is net ‘fergûn’. Mar as syn eigen siele dat eardere lok wer belibje kin, ‘spiegeljend ta klear bestean!’ – dan moat wol de al-siele soks ek bewarre hawwe, en dan folget fansels de folgjende konkludearende rigel: ‘– Kin út der sielen’³³ siel dan eat fergean?’ – en sa ha wij wer in nije term foar de al-siele. Dit fers beslút dan heel moai mei de bekende Postma-tema’s:

Wat namme mei it ha? ’t Is leafde en klacht,
It is de goede ierde’ rike dracht.
Fan lúd en ljocht is it de foarse stream,
Fan sprook en byld de himmelwide dream.

– De loft is klear. Nei alle siden út
Rinn’ wegen. Foarjier hat al nij gelút.
Lit hjoed noch siel’ har ierdsk ferhûgjen ha,
Moarn giet it beskate nei ’t ûneind’ge ta.

Hjirmei slút ik it lêsferslach fan dizze fjirde bondel ôf. Der is nei 1944 noch in lyts hantsjefol fersen skreaun en ferskynd, dy’t yn de *Samle Fersen* 1 fan 1949 opnommen west hawwe, mar dy bin ik fan doel om mei te nimmen yn myn ferslach fan FAN WJERKLANK EN BESINNEN (1957)

3. Oereiding.

Dizze bondel foeget net echt mear ta oan it byld fan Postma as wat wij al koenen, mar giet troch op tema’s dy’t al bekend wienen – wol mei hjir en dêr mear puntstjes op de i. Sa wurdt opnij de fierder net ferdúdlike spyt om miste kânsen oanstipt, en ek de spyt fan net ‘grutte’ dingen dien te hawwen, de spyt fan ‘lytsens’, en fan net bûten de stringen stapt te wêzen. De bewûndering foar Slauerhoff, dy’t wol it aventoer fan wat gruts oangie, en dat grutte (de see) opsocht hat, sil hjir wol mei anneks wêze.

Wij hearre alwer fan de ‘dream’ yn de jonkheid, dy’t yn it ûnthâld de skientme skept. Wij hearre fan de betsjutting fan it lytse en ûnbetsjuttende. Us wurdt foarholden dat Postma him mear bleat jûn hat as wol wenst wie – dat er ‘iepener op dichters baan’ wie as oaren, ‘fj fan skuttend byld’. Dat lêste set ik in grut fraachteken bij: safolle jout er him toch echt net bleat, en fan syn persoanlik fielen en libben wurdt wij suver neat gewaar. Hij seit oant no ta dan ek inkele kearen dat guon dingen ‘ferswidj’ bleaun binne, wat net sa op dy iepenens wiist. Der bliuwt wat riedselichs.

Fierder breidet er troch oan syn ideeën oer de al-siele, de ienheid fan alle dingen, en dat alles bestean sil (wat fansels ek de namme fan de bondel is). Njonkelytsen is ek wol dúdlik wurden dat bij him de siele eigenlik net echt te ûnderskieden is fan geast of bewustwêzen: de *siele* is wol ivich bij him, mar *net* as in troch in Godheid oan de minske skonken fan bûten kommende ivige ûnstoflike kearn, dy’t apart fan de (stjerlike) geast³⁴ (en trouwens ek apart fan de God) bestiet – teminsten sa soe ik de kristlike leare opfetsje. Nee, as der al sprake is fan in God bij Postma, dan is dat de al-siele of al-geast, dêr’t de siele fan Postma *deel* fan útmakket, ek al liket it dat dy siele tydlik in skoftke in skynber apart bestean liedt as ‘Postma’ – om dan ‘memkennich’ wer werom te kearen yn de skoat fan dy al-siele. Mar ‘alles is yn alles’, en dan liket it wol as moatte wij dy ‘God’ *noch* rommer opfetsje, wat in soarte fan panteïsme of *al-beseiens* ynhalte soe fan alle matearje, krekt as is de hele wrâld, of sels it hele universum, ien grutte siele. Hoewol’t dat net helendal dúdlik wurden is, komme wij dan miskien toch wol heel ticht yn ‘e buert fan Heymans syn leare,³⁵ bij wa’t it stoflike èn it geastlike gearfalle ta in pansychisme. Wat de fraach opropt: *wie*

Postma bij einsluten no psychys monist of net? Ik wit it op dit stuit noch net, en stel it inoardeel noch even út.

Wat ik net útstel is hjir myn miening dat ik mij net foarstelle kin dat der op ‘t heden minsken binne dy’t ek mar in stoer foar dit aspekt fan Postma syn dichtsjen jouwe. As syn dichtwurk bliuwende wearde hat, dan sjogge de minsken dat grif net yn dizze ûnbewiisbere en healwize ûnsin, al hoe moai of nijsgjirrich ek delskreaun. Sjoen de status fan Postma yn guon rûnten is dat suver flokken yn ‘e tsjerke, mar om de diskusje oer Postma kritys te hâlden moat dit no wolris sein wurde. Oan de ein fan myn rige stikken hoopje ik werom te kommen op de bliuwende wearde fan Postma.

En fansels altyd dy leafde foar it Fryske lân – of feitlik allinne de *westlike* helte dêrfan, of noch kreker: de *greid-hoeke*. En dan moat toch ek fêststeld wurde dat de *beskriuwing* dêrfan nei in skoftke wol wat intoanich wurdt, sûnder folle ferskaat fan kleuren en details. Wij hearre konsekwint fan *ljocht*, *blank*, *klear* en *sinne*, fan *blinken* en fan *gers* en *wite klaver*, en de wurden *ierde* en *himmel* (= *himel*)³⁶ spylje ek net swak bij, mar dan ha wij it wol sawat hân. Nee, it gie Postma net om de beskriuwing as sadanich, mar earder om in inerlike ferwurking.

4. Foarm.

It sil njonkelytsen wol dúdlik wêze dat ik net altyd sa wei bin fan de ferstechnyk fan Postma, en ik leau dat hijsels de earste is dy’t dat meastimme soe. Wat dat oanbelanget is Douwe Tamminga (en ek Douwe Kalma...) him fier de baas. En ek Postma syn soms rare maneuvuls op it gebiet fan de wurdfolchoarder en ûnatuerlike wurdykwoartingen meie mij net bekoare. Ek de, fyn ik, net altyd fraaie genityffoarmen – al steane dy faak wol in uterst kompakte manier fan sizzen ta – fertsjinje bij mij gjin priis. Ik sil de lêzer net ferfele mei wer in hânfol foarbylden. Hjir folget fan elke kategory ien foarbyld. *Wurdfolchoarder*: (BLOMMEJONGE 1938) ‘De knik, de glim, dy’t ik er by *mocht winne’. *Unnatuerlike wurdykwoarting*: (AS IK FUORTGEAN 1938) ‘Oer bliuwe sil *sinn’ gouden gloed’, mei tagelyk trouwens ek heel keunstmjittich in genityf ‘sinn’. *Genityf*: (OAN DY’T MY LEZE SILLE YN LETTER TIID 1939) ‘En ’t is net sterker as³⁷ de minskene* hert’ – oer dat de haw ik yn in noat al earder wat opmurken.

En dan soe ik ek noch in kategory fan ûnatuerlike wurdferlinging ynfere kinne: bgl. ‘in hjerstjeûn’ (út it selde gedicht). Mar ... Postma syn sterke punt is de gauris krekte en memorabele formulearing, al is it dan gauris yn it ramt fan in breklike fersfoarm. Mar dêr hat de lêzer wol genôch foarbylden fan sjoen yn dit ferslach.

²⁹ Sjoch myn artikel fan 1982, ‘Fan wrâld-siele diel’ (yn *Earefrissel foar prof. dr. E.G.A. Galama ta syn santichste jierdei*) foar de redenaasje hjirachter.

³⁰ Hij makket eins gjin ferskil.

³¹ Dus net as wat stoflik besteands!

³² Wij sille letter noch it begryp ‘al-siele’ tsjinkomme.

³³ Dy apostrof heart hjir net te stean, want it is is gewoane genityf mei ‘der’.

³⁴ Of intellekt of bewustwêzen.

³⁵ Faaks earder as bij Plato, dy’t nei’t ik begripe moat in *dualist* wie.

³⁶ Dy’t dus gauris ‘klear’ is.

³⁷ Of wij soenen hjir in parallel yn sjen moatte neffens de Dútse konstruksje yn sokke gefallen: ‘Der Menschen Herz.’

DE SCHOONE SCHIJN

Yn it fers fan Postma 'TEBINNENBRINGEN OAN DE DICHTER VERWEY' (1937) ferwiist er nei it gedicht 'De Schoone Schijn' út De Nieuwe Tuin fan Albert Verwey (1865-1937), dat hjirûnder ôfprinte stiet.

DE SCHOONE SCHIJN

Kwaamt gij mij thuis? Zie ik na zooveel jaren,
Mijn zoon, de schaduw van uw blonde haren
Weer in uw oogen vallen als voorheen?
't Is waar, het wonder dat hen eens vervulde -
De droom die de appels van uw oog verguldde -
Heeft uit, maar 't spraakloos van wie veel ervaren heeft
en duldde
Verving 't meteen.

Kwaamt ge? o mijn kind! de wereld is niet rijker
Dan 't hart dat hart en dingen in zich sluit.
Gij waart zoo dappre strever, nijvre kijker.
En alles viel uw hand en oog ten buit.
Maar 't hart bleef koud. Koud hingen om u henen
Uw schatten: zoo een droevge en schoone vrouw
Op 't bal behangen met een stroom van steenen
Zich sterven voelt van hartekou.

Uw hart zocht warmte en die een aard doordwaalde
Toog als een kind weer in zijn vaderhuis.
O zoon, dat ge er dien trek weer boven haalde
Bracht hart en geest in 't lichaam tevens thuis.
Zooals een vonk van 't haardvuur nagebleven
Den stapel aansteekt tot het vuur bij nacht
Den huisgenooten-kring die warm en zacht
Zit aangeschoven, op doet leven, -
Op 't grijze en op het wangenbloeijsel speelt, -
En - grillge pracht
Van gloed en knetting spokig wild -
Van vreemde sprook of maning mild
Of stille huiskout de geluiden deelt
En breekt en heelt, -
Tot uit de duistere zaal rondom
Nacht-klanken als dwergen met stille trom
Zwieren den lichtenden cirkel om -
En een die 't meest in 't donker zat
En dutte, voelt een kouden straal
Zijn rug langs, schrikt, en zegt: 'Wat's dat?'
't Is slaaptijd." Dan gaan allemaal -
Zooals zoo'n vonk van 't haardvuur ziel
Van 't huis is tot den donkren nacht,
Zoo redt een trek die waakt en wacht
De ziel waarin zij eenmaal viel.



Albert Verwey (Foto: J. Jessurun de Mesquita.)

Kom in mijn huis. Geen schat dien ge ooit vergaarde
Vergaat wijl in u groeit wat schatten wijdt.

Haald' gij ze niet van over de aarde
Wijd en zijd? -
Maar in één hartetrek die nu gaat groeien -
Ruimteloos -
Is 't leven dat al schatten kan doorgloeien
Mateloos.
Schoonheid zal met u zijn, de laatst-geboren
Van zoete gratie en onschoolsch natuur:
Haar zal uw éélste steen bekoren,
Maar met een bloem voor buur.
De werker die ge in duistere schachten gravend
Waart - en dien hielt ge 't hoogst -
Zal zij met lachen aanzien en hem dravend
Door zomerweiden plagen met een bloemenooft.
Gij zult uw rijkdom en uw landen en uw steden
Hervinden in het plakboek van dat kind;
De vrienden die gij hebt beleden,
De liefste die gij hebt bemind.
Alles zal niets zijn - o onthoud mijn woorden -
Alles zal niets zijn, tot ge klagend vraagt:
Leefde ik voor dit dat jaren jaren moorden
En de eene dag den andren vaagt?
Alles tot niets. Ook gij. Als dan uw handen
Het sprietgras tellen of 't dubloengoud waar',
Als door uw vingers 't korlig duin zal zanden,
Gij-zelf het tijdglas van uw levensjaar,
Als gras en korl aan u gelijk zijn leven
Leeft onder de lachende zon,
Dan zal zij in u zijn die gij eerst neven
U meende, toen ge uw leven in mijn huis begon.
Dan zal zij in u zijn.
Die alles tot alles maakt:
Dan heeft de Schoone Schijn
U aangeraakt.

Boekpresintaasje

It deistich libben by âlds

Op freed 2 oktober binne yn it Frysk Lânboumuseum, Earnewâld, de earste eksimplaren fan it boek *It deistich bestean by âlds* fan Philippus Breuker (Obe Postmarige nr 12, ûnder meiwurking fan Tineke Steenmeijer-Wielenga en Klaske Straatsma), oanbean oan Jehannes van Dijk, Ferwert (auteur fan tal fan publikaasjes oer Ferwert en Ferwerteradiel) en oan Tineke Steenmeijer-Wielenga en Klaske Straatsma (de oersetters fan guon teksten). Dit boek is it twadde en tagelyk lêste diel mei stúdzjes op histoarysk gebiet fan Obe Postma. Syn fersprate histoarysk wurk is dêrmei maklik tagonklik makke. De earste bondel mei histoaryske stúdzjes wie *Veld, huis en bedrijf. Landbouwhistorische opstellen* (2010). It karakter fan *It deistich bestean by âlds* is lykwols hiel oars as fan dat earste boek. Dat befettet meast stúdzjes fan de earste jierren, dit fan de lettere tiid. De grins leit om 1935 hinne. Dit boek giet meast oer de santjinde en achttjinde iuw en jout in búnt ferskaat fan ûnbekende feiten oer it deistich bestean fan boeren en boargers, ek út de stêd. Ekonomy en bestjoer krije rom omtinken. Sa't Veld, huis en bedrijf in boek is foar de wittenskipper, sa is dit boek mear foar de ynteressearre leek. Dêrmei wjerspegelje se twa kanten fan Postma, dy't yn de tiid by him op elkoar folgen. Tegearre meitsje se it byld komplete fan de man dy't neist de dichter ek de gelearde fan it Fryske lân en libben wie. Nei Jehannes van Dijk sels kamen noch oan it wurd Hans Zijlstra oer De Sneuper (út Amsterdam, haadredakteur fan *De Sneuper*, it blêd fan de lokaal-histoarisi út Dokkum/noardeast Fryslân), en Piet Nieuwland, Hurdegaryp, oer de skiednis fan Tytsjerksteradiel. As lêste fertelde Breuker sels noch it ien en oar oer it ta stân kommen fan dizze publikaasje. De noflike middei waard ôfsletten mei in drankje en in besite oan it lânboumuseum.



Jehannes van Dijk op 'e tekst oer Ferwert.



Tineke Steenmeijer-Wielenga en Klaske Straatsma (oersetters) krije elk in eksimplaar oanbean.



Piet Nieuwland mei ferhalen oer Tytsjerksteradiel.



Hans Zijlstra oan it wurd oer De Sneuper.

It deistich bestean by âlds is it twadde en tagelyk lêste diel mei stúdzjes op histoarysk gebiet fan Obe Postma. Syn fersprate histoarysk wurk is dêrmei maklik tagonklik makke.

De earste bondel mei histoaryske stúdzjes wie *Veld, huis en bedrijf*. *Landbouwhistorische opstellen* (2010). It karakter fan *It deistich bestean by âlds* is lykwols hiel oars as fan dat boek. Dat befettet meast stúdzjes fan de earste jierren, dit fan de lettere tiid; de grins leit om 1935 hinne. Dit boek giet meast oer de santjinde en achttjinde iuw en jout in bûnt ferskaat fan ûnbekende feiten oer it deistich bestean fan boeren en boargers, ek út de stêd. Ekonomy en bestjoer krije rom omtinken.

Sa't *Veld, huis en bedrijf* in boek is foar de wittenskipper, is dit boek mear foar de ynteressearre leek. Dêrmei wjerspegelje se twa kanten fan Postma, dy't yn de tiid by him op elkoar folgen. Tegearre meitsje se it byld kompleet fan de man dy't neist de dichter ek de gelearde fan it Fryske lân en libben wie.

OBE POSTMA
It deistich bestean by âlds
Samle histoaryske opstellen II
Utjûn troch Philippus Breuker

**OBE
POSTMA**

It deistich bestean by âlds

It deistich bestean by âlds

Obe Postma

**SAMLE
HISTOARYSKE
OPSTELLEN II**

**SAMLE
HISTOARYSKE
OPSTELLEN II**

WIJDEMEER

 **WIJDEMEER**





9 789492 052124